



# Dij Frisia

Tydskrift foar Fryske Striid en Skriftekennisse

JIERGONG LXXII, nûmer 2

simmer 2023

ISSN 2352-8958

Seye Brinkman hat it hert  
op it goede plak  
foar ús folk  
en taal!







**Byskriften:**

1. Arno Ulrichs, boargemaster fan de Gemeinde Ihlow (East-Fryslân, Dsl., sj. s. 8).
2. Tûmba mei ek net oer taaldiskriminaasje (foto: Tûmba, sj. s. 7).
3. De aksje 'flagge healstôk' foar de RUG (27-28/11/2022; foto: S.H. Brinkman, sj. s. 10).
4. Grins, de flagge is yn de nacht fan snein op moandei healstôk en op 'e kop hongen (LC, moandei, 28-11-2022, foto: Corné Sparidaens).
5. Seye Herke Brinkman is in echte 'Wâldman' en docht neffens syn meidieling op Facebook alles krekt effkes oars as oars (foto: S.H. Brinkman).
6. De Fryske flagge hinget healstôk foar it Akademygebou fan de Ryksuniversiteit Grins (foto: Omrop Fryslân, 28-11-2022, sj. s. 14).
7. Friese vlag hangt uit protest halfstok bij universiteit Groningen' (foto: Algemeen Dagblad, 28-11-2022, sj. s. 12).



# Ús eigen Taal (43)

*Sytze T. Hiemstra*

## Kronyk fan in Klacht (III)

*Hjirûnder folget it tredde part fan myn taalklacht oer meiwurkers fan de GGD-Fryslân. It earste part is te finen yn Nij Frisia, nû. 4, winter 2022, s. 3-8 en it twadde part yn nû. 1, maitiid 2023, s. 16-19.*

### 16 juny 2022: myn oprop oan 16 frisiasten om stipe by it berikken fan it doel

Eale frisiasten,

It hat my bliken dien dat it Frysk praten en skriuwen by ynstellings en bedriuwen (en oerheden of oare ynstânsjes?) lang net altiten goed regele en garandearre is. Ik haw dêr kontakt oer hân mei deputearre Poepjes en dy hat (ek) wol ferlet fan goede meitinkers op dat stik. Ik haw tasein dat te besykjen by lju dy't ik op dat stik rieplachtsje wolle soe. Faaks hawwe jimme sels ek noch oare saakkundigen dy't meitinke kinne. By it ûndersteande giet it my benammen om punt 1: **Taalklacht**.

Wat foar maatregels kin/mei de Fryske oerheid (Provinsje) nimme? Wêr lizze de tûkelteammen en hoe kinne dy oplost wurde? It soe bygelyks yn de foarm kinne fan protokollen (myn útstel) dy't net langer frijbljuwend binne, mar krekt oanjouwe wat der dien wurde moat as bedriuwen en ynstellings yn de deistige praktyk net goed omgeane/omgean wolle mei Fryskpraters en Fryskskriuwers. Binne sanksjes mooglik by it net (goed) neikommen fan ús wetlike taalrjochten?

Mar faaks is der mear te betinken, ek om dêrfoar te soargjen dat sokke garânsjes oeral goed bekend makke wurde (bgl. fia papieren en digitale media, opskriften, buordsjes ensfh). It moat de Friezen, neffens my, sa maklik mooglik makke wur-



*Sytze T. Hiemstra*

de om harren taalrjochten op te easkjen en foar bedriuwen en ynstellings moatte der dúdlik omskreaune **plichten** formulearre wurde.

Hawar, samar wat fragen en suggestjes. Faaks kinne jimme bettere betinke en goede antwurden/oplossings formulearje. Soene jimme my jim suggestjes tastjoere wolle? Op 1 sept. 2022 haw ik mei deputearre Poepjes oerlis op it Provinsjehûs (13.00-13.45 oere). Ik kin dan 3 minsken meinimme om (ek) mei te praten. Wa hat belangstelling? Ek graach efkes trochjaan oan my, dan jou ik dy nammen heal augustus troch oan Sietske Poepjes en har sekretaresse.

Yn 'e ferhopinge op jimme meitinken en reewilligens, mei freonlike groetnisse,

*Sytze T. Hiemstra*

Gerben Sondermanstrjitte 29

9203 PT DRACHTEN

0512-518927

[sthienstra@gmail.com](mailto:sthienstra@gmail.com)

[ffupost@hotmail.com](mailto:ffupost@hotmail.com)

**Opmerking:** De oprop hat úteinlik twa reaksjes oplevere fan meistanners dy't meigean woene nei deputearre Poepjes: Jannes van der Velde en Ajla Zildzovic (Tûmba). Twa oaren hiene al ôfspraken op dy dei. Jannes en Ajla binne dus de iennichsten dêr't ik echt wat oan hân haw. Jannes hat sels by my thús west op 24 juny om alles goed troch te praten. Tige tank! Fierders

*[ferfolch begjint op side 5]*

# Kolofon

Wy binne wiis mei jo kopij. Dat kinne bydragen wêze op it mêd fan Fryske striid, Fryske literatuer, Fryske skiednis, Frysk ûnderwiis, fersen en ferhalen. Foar it folgjende nûmer moat dy ynstjoerd wurde foar 1 septimber 2023. Samler: foar kopij op papier, drs. Piter Dykstra, Balthasar Bekkerstrjitte 7, 9123 JV MITSELWIER; digitale kopij: piter@dykstra.frl

## Fêste meiwurkers

drs. Piter Dykstra, drs. Sytze T. Hiemstra en Ed Knotter. Korreksje: S.T. Hiemstra en E. Knotter. Opmeitsjen en technyske fersoarging: P. Dykstra.

## Meiwurkers oan dit nûmer

Seye Herke Brinkman, Jan Dykstra, drs. Piter Dykstra, drs. Tom Dykstra, drs. Sytze T. Hiemstra, Sander Hoekstra, Klaas Abe Kamstra, dr. Bertus Jans Postma, Jaap Slager.

## Postadres

Jongfryske Mienskip,  
Postbus 719,  
8440 AS IT HEARRENFEAN

## Webstek

www.jongfryskemienskip.frl

## E-postadres

jongfryskemienskip@gmail.com

## Bankrekken

NL92 INGB 0001 0695 35 op namme fan:  
Jongfryske Mienskip, IT HEARRENFEAN

## Bestjoer

Jenny Douwes, Sjoerd Groenhof, Sander Hoekstra (foarsitter), Wolter Jetten (skathâlder) en Elly Schoonbeek-de Jong (skriuwster).

## Fan de redaksje

De media hawwe frijwat spekularre oer wa't de Fryske flagge healstôk hongen hat foar it Akademygebou fan de Grinzer universiteit. Mar de oast fan it spul hat ús lanlike ûndersykssjoernalistyk net fine kinnen. Nei't de spekulaaasje en it ferrifelderijnijs ('fake-news') oerwaaid is, hat *Nij Frisia* no de primeur mei it oan it ljocht bringen fan de wiere gong fan saken. Ien fan de dieders, ús eigen Seye Herke Brinkman, docht yn wurd en byld ferslach fan dy aksje. De mannen hawwe tige sukses hân om it yn de media te krijen. Hulde foar dat inisjatyf! Wy hawwe de (krante-)berjochten ek opnommen. No kin men dêr ek lêze dat de universiteit út eigen beweging mei syn ûnnoazele swartmakkerij al dúdlik makket hoe ferkeard oft se sitte. Nuver eins dat de parseminskten, oer wa't wy yn ús foarige nûmer al gear west hawwe, dêr net boppe-op sieten.

Fierders yn dit nûmer it lêste diel fan Sytze Hiemstra syn 'Kronyk fan in Klacht'. Dêr is te lêzen hoe't it by ienfâldige saken foar de ferbettering fan it Frysk, lykas it by de tiid bringen fan in skriuwwizer, yn ús provinsjehûs jitte jimmer in drege keallerij is.

Ta oantinken oan Bertus Postma bringe wy in *in memoriam* fan Klaas Abe Kamstra en de *taspraken* by Bertus' begraffenis fan Jan Dykstra en fan JFM-foarsitter Sander Hoekstra. Yn in lytse fotoreportaasje wurdt it barren ôfsletten mei in weardige aksje yn de geast fan Bertus Postma: it ferfryskjen fan ús eigen plaknamme- en ferkearsbuorden.

It twadde part fan it besprek fan it kreas útfierde en kleurrike 'Taalplan Frysk 2030' troch Sytze Hiemstra en Tom Dykstra leit sekuer út wat der oan it plan en de Fryske taal-polityk mankearret. Ik helje de wurden fan ús kommissaris fan de Kening, Arno Brok, oan: "It kin wol wat minder braaf!"

Wy beslute mei in kolum fan Jaap Slager dy't ús lyrysk makket mei syn Fryske oersetting fan in Portugees liet dêr't de gek yn stutsen wurdt mei moaipraterij.

*In soad lêsnocht tawinske.*

*Piter Dykstra*

## By de foarside:

In sprekking byld fan Seye Herke Brinkman by it begroetsjen fan it publyk nei de rjochtsaak tsjin Jenny Douwes en de Blokkearfriezen op 12 oktober 2018 (foto: LC).

*[ferfolch fan s. 3]*

gjin inkelde reaksje! Tige teloarstellend ...

**23 juny 2022: ús fraach oer regeljouwing en  
subsydzjebetingsten foar ynstellings oan de  
Provinsje (e-post, dhr. Postma)**

Achte hear Postma,

Yn ferbân mei myn earder oan de Provinsje tastjoerde taalklacht krige ik fan guon 'meitinkers' de fraach hoe't it stiet mei de regeljouwing en subsydzjebetingsten foar it brûken fan it Frysk troch ynstellings en it brûke kinnen fan dy taal troch oaren yn kontakten mei ynstellings en oare organisaasjes (bgl. de betingsten foar it Frysk Museum, ensfh.). Dat kin relevant wêze foar de problematyk fan it echt ûnbehindere Frysk praten en skriuwen yn Fryslân.

Kinne jo of in kollega ús dêr neiere ynformaasje oer jaan? Alfêst tank!

Mei achtinge en freonlike groetnisse,  
*Sytze T. Hiemstra*

**Reaksje fan dhr. Postma:**

Achte hear Hiemstra,

Ik ha jo fraach trochstjoerd oan myn kollega's.  
Wy komme hjir sa gau as mooglik op werom. [...]  
(e-postberjocht fan 24 juny 2022)

**17 augustus 2022: myn werhelle fersyk oan de  
provinsje Fryslân**

Achte hear Postma,

De datum fan 1 sept. 2022 komt hurd tichterby (petear, mei in pear oaren, mei deputearre Poepjes). Is der al wat bekend oer myn/ús fraach fan 23 juny 2022 (hjrûnder). Dan kin ik mysels (en de tinkgroep) mei mear ynformaasje oer it ûnderwerp grif better taryede op it petear.

Alfêst tank.

Mei achtinge en freonlike groetnisse,  
*Sytze T. Hiemstra*

**Dyselde deis kaam noch in andert fan de Provinsje  
(e-post, frou A. Ringma-Groenewold):**

Achte hear Hiemstra,

Hertlik tank foar jo berjocht oan provinsje Fryslân.  
Jo fraach is registrearre ûnder saaknûmer KCC-339268-H6Z2T8. By korrespondinsje dêroer fersykje ik jo dat saaknûmer te fermelden.

Dit berjocht, mei as ûnderwerp 'foar de Provinsje Fryslân (dhr. L. Postma): werhelle fraach: Provinsjale subsydzjebetingsten foar it brûken fan it Frysk by en troch ynstellings en oare organisaasjes', is yntern trochstjoerd mei it fersyk om jo in reaksje te stjoeren. By korrespondinsje oer dizze saak fersykje ik jo it earderneamde saaknûmer te fermelden.

Hawwe jo noch fragen? Fiel jo frij en nim kontakt mei ús op, wy helpe jo graach.  
Mei freonlike groetnis,

Anita Ringma-Groenewold  
Klantadviseur  
Ofdieling Publyksplein

**En op 23 augustus ek noch in betreklik ynhâldsleas  
andert fan dhr. Leo Postma:**

Achte hear Hiemstra,

Yn oerlis mei de deputearre sille jo fragen en ûnderwerpen bepraat wurde op it bestjoerlik oerlis fan 1 septimber.

Mei freonlike groetnis,  
Leo Popma

**1, 7 en 8 sept. 2022: gearkomste op 1 sept. mei  
deputearre Poepjes op it Provinsjehûs en it  
amtlík ferslach dêrfan (e-post 7 sept.) mei let-  
tere oanfolgings en kommentaar fan Sytze T.  
Hiemstra (e-post 8 sept.)**

Datum: 01-09-2022

Oanwêzich: De hear Sytze Hiemstra, Ajla Zildzovic (Tûmba), Jannes van der Velde

Skriuwer: Leo Postma

Ûnderwerp: Melding oer taaldiskriminaasje fan de hear Hiemstra by priplokaasje GGD yn Drachten

**Punt 1:**

Wat docht de provinsje oan de beliedsfoarming by eksterne organisaasjes oangeande it brûken fan de Fryske taal?

Deputearre Poepjes is mei de Kommissaris fan de Kening Brok hjiroer yn petear west. De provinsje wol nei in protokolêr belied, mar dat is der noch net. Foar de Krystdagen sille de deputearre en de KfdK it taalprotokol oppakke yn it oerlis Mei-inoar foar it Frysk. De GGD sil hjirby net publyklik oansprutsen wurde nei oanlieding fan de melding fan de hear Hiemstra, dit kin sa'n organisaasje huverje.

Nei oanlieding fan de besite fan de deputearre oan Hongarije ferline jier, by in byienkomst oer minderheidstalen, is wol dúdlik wurden dat wy yn dit tiidrek respektfol omgean moatte mei taalrjochten. De minsken moatte de romte krije harren eigen taal te sprekken, it brûken fan de eigen taal moat ferdigene wurde.

De hear Van der Velde freget wat de ferwachtings binne fan it oerlis Mei-inoar foar it Frysk: wat ferwachtet de provinsje en wat kinne de oanwêzigen fan it oerlis fan hjoed ferwachtsje?

De deputearre stelt as doel in better taalstatút te realisearjen. Van der Velde wol der in termyn oanstelle, mar deputearre Poepjes jout oan dat de provinsje hjir de tiid foar nimme wol om in goed en taastber resultaat te boeken, oer rjochten en plichten.

Mefrou Zildzovic stelt út in advysbrief op te stellen foar de GGD.

Dit sil de twadde stap wurde nei it oerlis Mei-inoar foar it Frysk, sa'n advysbrief wurdt net yn 't foar stjoerd. De útkomst fan dat oerlis sil trochjûn wurde oan de oanwêzigen fan hjoed.

### **Oanfolling Sytze T. Hiemstra:**

Taalprotokollen soene harren net allinnich beheine moatte ta it mûnling brûken fan it Frysk fan partijen, mar ek it *skriftlik* brûken fan it Frysk, net allinnich folgjend, mar ek aktyf troch de organisaasje sels, sadat der op it taalmêd échte lykberjochting en lykwaardigens ûntstiet (rjochten en plichten en gefolgen foar it net neikommen dêrfan). Mar faaks wie/is dat ek de bedoeling en is myn opmerking sadwaande oerstallich.

### **Punt 2:**

De hear Hiemstra soe graach wolle dat it boekje "Mei freonlike groetnis – skriuwwizer mei stekwurden en foarbylden" fan Rienk de Haan op 'e nij, mei jild fan de



*In bewurking (by de tiid bringe) en yntegraasje fan Mei freonlike groetnis op it taalweb (no: Frysker) sit mar gjin faasje yn ...*

provinsje, útbrocht wurdt. Hiemstra hat ek kontakt hân mei de Fryske Akademy om de ynhâld fan dit boekje opnimme te litten op Frysker.nl. De FA hat oanjûn dit wol dwaan te wolle, mar der is gjin jild, personiel en de technyk om dit foarmekoar te krijen.

De deputearre wol hjir net op rinne en docht dan ek gjin tasizzing om hjir wat mei te dwaan. Guon ûnderdielen út it boekje kinne wol brûkt wurde yn de Opfrysker op it provinsjale yntranet.

### **Oanfolling Sytze T. Hiemstra:**

It is fansels goed dat der op it provinsjale yntranet aanst wat oan dien wurdt. It gie en giet my der lykwols benammen om dat it 'boekje' ynhâldlik by de tiid brocht wurdt en dan opnommen yn it Taalweb/Frysker, sadat eltsenien op 'e wrâld, dus ek net-amtners lykas sjoernalisten, studinten (winsk fan oplieders as Henk Wolf) en oare skriuwers soks digitaal rieplachtsje en bestudearje kinne en har faak tige breklik 'Frysk' ferbetterje mei help fan modellen, taalregels en relevant taaleigen. In nije printinge fan it boekje is dan oerstallich.

Ferl. ek myn skôging yn *It Beaken* (tydskrift fan de Fryske Akademy, jrg. 58, 1996, nû. 4, s. 194-200) oer *Mei freonlike groetnis. Skriuwwizer mei stekwurden en foarbylden* gearstald troch Rienk de Haan (Ljouwert: Taalburo Fryske Akademy, 1995). It boekje is in wichtige boarne foar it better skriuwen fan it Frysk, lykas de *Schrijfwijzer* fan Jan Renkema dat foar it Hollânsk is.





Tûmba mei ek net oer taaldiskriminaasje (foto: Tûmba)!

Klik op: [STH96-Mei freonlike groetnis.pdf](#).

It is dus foar my teloarstellend dat de deputearre dêr net 'op rinne wol' en sa in stipe wêze kin foar dr. IJssennagger fan de Fryske Akademy en meiwurkers, dy't har bêst wol dwaan wolle en gjin technyske beswieren sjogge. It is allinnich it tekoart oan mankrêft, want Pieter Duijff en Hindrik Sijens binne op it stuit al drok besteld. In staaizerinner/staaizerinster soe neffens de direkturbestjoerder in begjin meitsje kinne, mar dan wol ûnder goede begelieding (persoanlike meidieling op Hilgelân koartlyn). It is dan benammen in kwestje fan sinten. Myn hope is dus dat de deputearre har betinkt en aanst dochs stipe jaan wol oan it plan.

### Punt 3:

De hear Hiemstra sjocht graach dat politisy út de trije Fryslannen wer op makronivo oerlizze en gearwurkjen gean yn it ramt fan de ynterfryske gearwurking.

De deputearre seit dat in ynterfrysk parlemint wol passe soe yn in nije bestjoersakkoart. Sy sil it fia har eigen partij rinne litte en sil guon minsken wat ûnder de earm meijaan.

### Oanfolling Sytze T. Hiemstra:

Ik bin wiis mei de tasizzing, want de saak sleept al lang en wurdt hieltiten urginter. De Fryske Rie (ik sit der sûnt 2006 yn en gean ein fan dit jier ôf) moat him op syn takomst beriede en kin op mikronivo as frijwilligersorganisaasje lang net alles mear oan. In ynter-Fryske wurkgroep of in soarte fan 'task force' op makronivo

soe in begjin meitsje kinne en komme mei in advys oan of organisaasjemodel fan in Opstalsbeamparlemint foar de trije Fryslannen. Tûke tinkers dêr't ik de saak by op it aljemint brocht haw en ek posityf binne: dr. IJssennagger (FA), dr. Han Nijdam (FA en Fryske Rie), Arno Ulrichs (boargemaster yn East-Fryslân en aktyf yn de Ynterfryske Rie), Wolter Jetten (East-Fryslân en aktyf yn de *Jungfräiske Mäinskup* dêre). Yn Noard-Fryslân haw ik it plan in skoft lyn op it rabat brocht by dr. Chr. G. Schmidt (direkteur Nordfriisk Instituut) en Thede Boysen (Referent und Projektgruppenleiter bei Ministerium für Arbeit, Verkehr und Technologie. Ministerium für Wirtschaft, Verkehr Arbeit, en aktyf yn de Fryske Beweging dêre). Der binne grif mear saakkundige lju te finen.

### Neibrâner:

De hear Van der Velde soe graach wolle dat der tabetingsten komme by subsydzje-oanfragen foar benammen organisaasjes dy't it Fryske better útdrage moatte. Mei dizze stok efter de doar soene organisaasjes en ynstellings earder it Fryske brûken gean.

De deputearre jout oan dat it Kolleezje hjir net ienriedich yn stiet en dat it dreech is om hjir ien line yn te krijen.

### Opmerking Sytze T. Hiemstra:

It is spitich dat soks yn it hjoeddeistige Kolleezje sa swier keallet by sokke saken. Ik winskje de deputearre alle sterkte ta om noch wat foarinoar te krijen. En oars is it wachtsjen (wer) op takomstige nije politike ferhâldings mei partijen dy't wol de maatregels nimme wolle dy't needsaaklik binne op dat mêd, lykas Van der Velde ek oanjûn hat. De tiden sille op dat stik aanst grif ek feroarje.

### Ôfspraken:

- De subsydzjebetingsten fan de provinsje Fryslân earst diele mei de deputearre, dêrnei mei de hear Van der Velde
- Oan de hear Hiemstra e-mailadressen stjoere fan it Steatekomitee en it Kolleezje
- De útkomst fan it oerlis Mei-inoar foar it Frysk diele mei de oanwêzigen fan dit oerlis
- In nij oerlis ynplanne yn desimber

**23 sept. 2022: stipe fan Arno Ulrichs (foarsitter Sekje East fan de Ynterfryske Rie) foar in ynter-Frysk kultuerparlemint (ornearre foar deputearre Poepjes)**



*Ús trouwe bûnsmaat Arno Ulrichs is al jierren aktyf foar de ynter-Fryske saak en sûnt 1 novimber 2021 boargemaster fan de Gemeinde Ihlow yn East-Fryslân (Dsl.).*

Van: Arno Ulrichs <aulrichs@ihlow.de>  
Verzonden: vrijdag 23 september 2022 14:23  
Aan: secr gs poepjes <secr.gs.poepjes@fryslan.frl>

Onderwerp: Anregung für ein interfriesisches Kulturparlament

Sehr geehrte Frau Deputierte Poepjes,

wir kennen uns von einem Treffen des Beratenden Ausschusses für Fragen der friesischen Volksgruppe, die vor vier Jahren in Berlin im Bundesinnenministerium stattgefunden hat.

Schon damals gab es Überlegungen, ein interfriesisches Kulturparlament einzurichten, zu dem Vertreter aus Ost- und Nordfriesland in Deutschland, aber auch aus der Provinz Fryslân gehören sollten. Wegen der Corona-Pandemie konnten diese Überlegungen nicht weiterverfolgt werden.

Anlässlich des Friesenkongresses am vergangenen Wochenende in Dokkum sprach mich Sytze Hiemstra noch einmal zu dieser Idee an, von der ich nach wie vor überzeugt bin.

Sollten auch Sie die Einrichtung eines interfriesischen Kulturparlaments grundsätzlich für wünschenswert halten, könnten wir in Kürze in einen organisierten Abstimmungsprozess gehen, wie ein solches "Parlament" aussehen könnte (Aufgaben, wer nimmt teil, ...).

Für eine erste Reaktion wäre ich Ihnen sehr dankbar.

Freundliche Grüße  
Arno Ulrichs  
Vorsitzender der Sektion Ost des Interfriesischen Rates

Mei in reaksje fan de Provinsje op 29 sept. 2022 (e-post):

RE: Anregung für ein interfriesisches Kulturparlament  
29. September  
2022, 12:02 Uhr  
Von secr gs poepjes  
An Arno Ulrichs

Sehr geehrte herr Ulrichs,

Sietske Poepjes wahr sehr überrascht und zufrieden mit Ihrer Mail, vielen dank dafür. Derzeit ist ihre Agenda sehr voll aber etwas später im Jahr können wir sicherlich darüber sprechen.

Wir werden mit einem möglichen Datum darauf zurückkommen.

Herzliche Grüße  
Jacqueline Swart  
Bestjoerssekretaresse  
Deputearre Sietske Poepjes  
058 – 292 54 96  
06 – 46 89 18 53

j.swart@fryslan.frl  
Tweebaksmarkt 52 (besikersadres)  
Postbus 20120, 8900 HM Leeuwarden  
(058) 292 5925 / provincie@fryslan.frl  
WhatsApp: 06 10 26 88 31  
www.fryslan.frl

**Foarriedige ôfsluting fan myn taalklacht en oare winsken**

Oant safier myn ferslach fan myn pleit foar dúdlik omskreaune rjochten en plichten om ús taal in wier lykweardich en lykberjochtige plak ta jaan yn ús Fryske maatskippij. Mei effektive sanksjes foar it net neikommen dêrfan.

No mar (wer) ôfwachtsje hoe't it aanst komt mei de subsydzjebetingsten en in net frijbljuwende taalprotokollerring foar it hantearjen fan it Frysk by ûnderskate ynstellings. De needsaak fan in ynter-Frysk kultuerparlemint<sup>1</sup> en de digitalisearring fan *Mei freonlike groetnis*<sup>2</sup> foar it taalweb (Frysker) haw ik earder yn *Nij Frisia* op

<sup>1</sup> Sjoch dêroer bygelyks ek Sytze T. Hiemstra yn: *Nij Frisia*, nû. 2, juny 2018 (s. 15-21) it fjirde en lêste part fan 'It "Europeesk Hânfêst" en it ûnderwiis yn it Frysk oan wjerskanten fan de steatsgrins, benammen yn ferbân mei de mooglikheid



it aljemint brocht. Benammen mei it boekje keallet it oant no ta swier en liket it wol op heaterskjen.

Ik bin Arno Ulrichs, Jannes van der Velde en Ajla Zildovic tankber foar harren help. En ik hoopje fansels op mear belangstelling en stipe foar de goede saak as dat der yn juny west hat. ***Dêr binne dy te wichtich foar!***

*ta it oanspannen fan juridyske prosedueren (IV)*’ (benammen s. 20). En in stik fan S.T. Hiemstra, skreaun út namme fan de Fryske Rie foar in moeting mei de leden fan it ‘Advisory Committee’ fan de Ried fan Europa oangeande it útfieren fan it *Ramtferdrach foar de Beskerming fan Nasjonale Minderheden* (‘Framework Convention for the Protection of National Minorities’) op moandei, 19 nov. 2018 yn it

Provinsje- hûs te Ljouwert. Yn dy bydrage komme fiif winsken op it aljemint om de gearwurking fan ús (Westerlauwersk) Fryslân mei East- en Noard-Fryslân (yn Dútslân) te fersterkjen, bgl. op it mêd fan it ûnderwiis yn de mienskiplike skiednis (de skiednis fan de Friezen), it gearstallen fan yntegraal meartalige learmiddels mei in grut oanpart fan it Frysk, it oprjochtsjen fan in ynter-Frysk kultuerparlemint en fan in telefyzjestjoerder foar autochtoane Europeeske (taal)minderheden mei programma’s mei Frysktalige ûndertiteling. Oan te klikken op [www.ffu-fri.eu](http://ffu-fri.eu) by *útgeande brieven 2018* (19-11-2018): <http://ffu-fri.eu/PDF/181118-Advisory.Committee.Framework.Convention.Ljouwert18nov.2018.foarFryskeRie.logo.pdf>

<sup>2</sup> Sjoch ek *Nij Frisia*, nû. 1, maitiid 2021, s. 3, 4-6: *Ús eigen Taal* (36), ‘Yntegraasje fan in Fryske skriuwwizer op it Taalweb Frysk’ (s. 3, 4-6).

## Striid om de lêste heechlearaar Frysk

Seye Herke Brinkman\*

*Ferslach fan in nachtljike flagge-aksje foar it behâlden fan in heechlearaar Fryske taal- en letterkunde oan de Grinzer universiteit (RUG)*

### De oanlieding foar ús flagge-aksje

Ik waard op freed 25 novimber 2022 skille troch Herman van Vliet út Doezum (Grinslân) mei de fraach om de Fryske flagge by de RUG yn Grins healstôk te hingjen. Herman van Vliet is in Fries om utens dy’t op 64-jierrige leeftyd noch in stúdzje Fryske skiednis docht en dêr al 13 jier mei dwaande is. De man hat ek in omboude elektryske bestelbus dêr’t er Frysk iten mei oan ’e man bringt. Hy set him benammen yn foar de readbûnte Fryske kij, troch it fleis dêrfan as ‘Fryske burgers’ oan ’e man te bringen om sa it ras yn stân te hâlden en trunet de boeren oan om dy kij oan te hâlden en dêrmei te fokken, sadat it tal wer tanimt. Yn alle gefallen, ik kin dy man en hy skille my mei de fraach oft ik ree wie foar in aksje by de Ryksuniversiteit fan Grins, om’t dy RUG net sa bot syn bêst docht om in nije heechlearaar Frysk oan te stellen.

Goffe Jensma<sup>1</sup> wie dêr nei 14 jier mei opholden, pensjearre, en hat op ’e tiid by de RUG oanjûn: sjoch om jim hinne. Mar lang om let hat de universiteit der in dieltiidbaantsje fan makke foar in frou. Dêr is neat mis mei, mar sy is gjin heechlearaar en dêrmei docht de RUG de ôfspraken ûnderstek sa’t dy fan rykswegen makke binne, nammentlik dat der in folsleine stúdzje Fryske taal en letterkunde wêze moat. Eartiids koe soks

ek yn Amsterdam, Leien, Utert en Grins. No is Grins it lêste plak. It soe grif it bêste wêze dat dy oplieding yn Fryslân sels kaam, dan soe der grif ek mear omtinken oan jûn wurde om studinten waarm te meitsjen foar de oplieding.

### Foar de Fryske saak

Mar hawar, op 28 novimber soe der by de RUG praat wurde oer hoe’t it no fierder moast mei de kwestje fan dy net ferfolle fakatuere fan in heechlearaar Frysk. Dat ik naam kontakt op mei Binne R., lei him de kwestje foar en sei dat it saak wie om de moandeitmoarns om 3.30 oere nei Grins ta om dêr de Fryske flagge healstôk te hingjen. De sneintemoarns iggewearre Binne noch even tsjin dat er min slept hie en sa en dat ik ek wol in oar fine koe. Mar by dit soarte fan saken moat men net te folle minsken behelje. It wie koart dei, dat ik sei: ‘Gean fuort mar wer lizzen, do kinst dy de hiele snein noch wol deljaan ast moarnier om 3 oere mar fan ’t bêd ôf biste. It is foar de Fryske saak.’ En dêrmei wie it klear.

<sup>1</sup> Sjoch foar in wiidweidich ferslach: ‘Striid om de lêste heechlearaar Frysk. Goffe Jensma: “RUG misbrúkt it Frysk as subsydje-angel ”’, yn: *de Moanne*, jrg. 21, nû. 6, des. 2022, s. 4-9.



De beide aksjefierders foar it beneamen fan in heechlearaar Frysk oan de Ryksuniversiteit Grins hise de Fryske flagge yn de nacht fan snein 27 nov. op moandei 28 nov. 2022 healstôk (foto: S.H. Brinkman).

### De Fryske flagge healstôk

Wy hienen ús wat taret troch foto's fan de flaggemêsten by de RUG te besjen op google maps en dêr stie in heechwurker by op in foto. Sadwaande hie ik wol yn 'e rekken dat it heech wie. Ik ornearre dat myn wurkbus dus mar mei moast, in *Mercedes Sprinter* mei in fêste ymperiaal op it dak. Dêr binne trije rinplaten op laske, dat men kin maklik op it dak stean. Oankaam by de Kijk in 't Jatstrjitte rûn der krekt in studint lâns dy't lykwols mear omtinken hie foar syn kuier as foar ús oanwêzigheid. Doe't de jongfeint de hoeke om wie, waard de bus yn 'e efterút set om tusken de fytserekken troch oan de flaggemêst ta te riden. Doe de efterdoarren iepen, want ik hie in dûbelde ljedder meinaam en dy moast mei op it dak fan 'e bus. Op 'e sydkant fan de bus sit in fêste trep om op it dak fan 'e bus te klatterjen. Binne joech my de ljedder oan. Dêr sit in grien feilichheidsriemke oan, sadat men de ljedder net fierder útlûke kin, mar foar de goede saak moast dat diskear al op it uterste. Dus dêr stienen wy mei de ljedder 6 meter omheech op it dak fan de bus tsjin de flaggemêst oan. Dat ik sommearre Binne omheech want ik hie de wyks dêrfoar in lytse krupsje oprûn, dat de poat net sa goed woe. Binne trille nochal wat mei de fuotten. Ik joech him de ried: 'Kinst better trochstappe, dan trillest ek minder.' Hy wie benaud dat de peal brekke koe. Ik bewissige him dat ik de ljedder op spanning hold en dat dy ek net fuortsjitte koe om't der in koker op it dak siet, dêr't er tsjinoan stie. Op it lêst prate ik him sa fier

omheech dat er wol by de Fryske flagge koe, mar by de boppe-ein komme wie net mooglik. Ik sei: 'Skuor him dan mar fan 'e stôk, dat ding moat en sil der earst wei.' Nei wat gjalpen fan myn kant hearden wy ynienen 'grrrr' en dêr wie de flagge, al in bytsje útskuord, mar hawar, hy wie noch kompleet. Ik hie wat *tie wraps* (fan dy plestikken strûpkjes) yn 'e bûse en wy stieken mei in mêst in gatsje ûnderyn de flagge, hongen dy healwei de stôk wer goed fêst en op in hichte wêr't men der fan 'e grûn ôf net by koe.

No de ljedder wer fan it dak. Ynlade, bus nei foarren. De boulampe derút, oars hienen we net genôch ljocht foar in foto. Der kaam ek in lyts wynpûstke, dat it slagge mei de foto. Wy wer de bus yn om in bakje kofje, want wy tochten dat der yn Grins wol safolle kamera's stienen dat eltsenien de oare deis wol wist dat wy soks by de ein hân hawwe. Wy hienen yn it foar al wat wille en moasten derom gnize.

### It omtinken yn de media

Om goed 4 oere haw ik wat foto's nei Herman tastjoerd. Dy hie syn stikje foar de kranten en oare media al klear en wy koenen wer nei hûs ta. By De Rottfalle kaam ús noch in plysje-auto yn 'e mjitte, dat wy tochten: no dat is ek flot. Mar dy ried troch, falsk alarm. Deselde moandaitemoarns waard ús aksje troch it *Nieuwsblad van het Noorden*, de *Ljouwerter Krante*, it *AD*, de *NOS* op 'e radio ensfh. oppikt, mei ynterviews fan ferskate media by de RUG.



De aksje 'flagge healstôk' foar de RUG is knap slagge (27-28/11/2022; foto: S.H. Brinkman).



Earst de moarns kaam ek it nijs dat de flagge healstôk hong. Doe't meiwurkers fan de RUG de flagge ris goed beseagen en murken dat dy skuord wie, wienen wy ynienen 'fandalen'. De nijsberjochten waarden oanpast, mei nije koppen as 'Vandalen hebben vannacht de Friese vlag bij de RUG vernield'. Dêr waarden de jonges en famkes fan studinteferiening *Bernlef* foar oansjoen. Dy hienen der neat mei te krijen, mar brochten wol fuort in nije flagge, dy't de RUG net oannimme woe. En sa wienen der ek noch oaren dy't in flagge oanbeaen. Dat soarge fannijs foar omtinken yn de media.

It wie in sa'n simpel speldepripke dat wy joegen, mar dat kaam wol oan. Sels minister Bruins Slot helle it yn 'e Twadde Keamer oan en makke dúdlik dat se aksje woe. Fierders hearde ik dat ús kommissaris Arno Brok deputearre Sietske Poepjes even geweken nommen hat en har meijoech om har foar it Frysk yn te setten foardat har termyn derop siet. Sjoch dat binne moaie dingen.

Oant safier myn gearfetting fan hoe't in aksje rap op tou set wurde kin en fertuten die ...

\* *Seye Herke Brinkman wennet yn Jistrum (Skûlenboarch), is spesjalist yn túndoarren en ek lid fan de JFM.*

## Sûnder taalplicht gjin wenrjocht



Sûnder taalplicht gjin wenrjocht!

*Al wer hiel wat jierren lyn kaam yn België in minister by kening Leopold mei it boadskip dat der gjin Belgen wiene: 'Sire, der wenje Flamingen en Walen yn jo lân, mar gjin Belgen.' Lyksa soene der yn Nederlân Friezen, Leechsaksen, Limboargers, Brabanners, Siuwen en Hollanners wenje, mar gjin Nederlanners. Nederlanners soene net bestean en sadwaande it 'Nederlânsk' likemin (de taal der't Nederlân yn bestjoerd wurdt, is it Hollânsk).*

Ik bin nei de oarloch as jongfeint thús de doar útgien nei Utert ta. By 't ôfskie hie ús mem it deroer dat ik my fatsoenlik hâlde en drage moast, my yn in oar taalfermidden hearde yn te passen en Hollânsk prate moast, benammen mei hospita en hospes en learmasters.

Fremden fan fierrens, flechtsjend foar oarloch, earmoed, hongere en toast, hawwe rjocht op help en binne

hjiir wolkom. Mar foar dat 'rjocht' stiet de *plicht* oer om har yn ús fermidden oan te passen, om de lânstaal te learen, dat is ús taal te learen yn stee fan it it Frysk ûnderdrukkende Hollânsk of it it Hollânsk ûnderdrukkende Ingelsk. Sûnder dy 'plicht' gjin *rjocht*, tinkt my.

*Bertus Jans Postma, Menaam*

### Taljochting:

Op 6 jannewaris 2023 is dr. Bertus Jans Postma, ús tige wurdearre meiwurker, ferstoarn en moatte wy tenei syn weardefolle bydragen foar ús blêd spitigernôch misse. Yn de foarige *Nij Frisia* (nû. 1, 2023, s. 19) hat it lêste stikje fan Bertus stien: 'Ferrekte Hollanners'. Hy hat dat op 15 nov. 2022 oan ús tastjoerd.

In pear dagen earder, op snein 13 nov. 2022, liet er ús ek noch in oar stikje takomme: 'Sûnder taalplicht gjin wenrjocht'. Dat stiet hjirboppe ôfprinte en is dus Bertus syn alderlêste Jongfryske bydrage: Fryske trou oan de ein ta. In grut foarbyld! Mei om dy reden hawwe wy yn it maitiidsnûmer fan *Nij Frisia* gâns omtinken jûn oan syn ferstjerren en syn striid foar de Fryske saak. Yn dit simmernûmer dogge wy dat jitris.

Wy sille syn namme yn eare hâlde en yn syn geast fierder krewearje foar Fryslân en it Frysk!

*Piter Dykstra, Sytze T. Hiemstra, Ed Knotter (red.)*

---

# Nachtlik protest tsjin it skrassen fan de heechlearaar Fryske taal- en letterkunde oan de Ryksuniversiteit Grins

*De Fryske flagge by it Akademygebou fan de Ryksuniversiteit Grins is yn de nacht fan 27 op 28 nov. 2022 healstôk hongen út protest tsjin it skrassen fan de heechlearaar Fryske taal- en letterkunde. Yn de rin fan de moarn is de flagge fuorthelle. Hjirûnder inkelde berjochten út de media.<sup>1</sup>*

**Bij de Rijksuniversiteit Groningen (RUG) is de afgelopen nacht de Friese vlag halfstok gehangen uit protest tegen het schrappen van de hoogleraar Friese taal- en letterkunde. Dat melden lokale media.**

Zorgen over de studie Fries leven al sinds de aankondiging van het pensioen van Goffe Jensma als hoogleraar. Zijn opvolger is universitair docent Anne Mercur, met een aanstelling voor twee dagen in de week, terwijl, Jensma een voltijdfunctie had.

Tegen het schrappen van de hoogleraar Fries kwamen verschillende Friese schrijvers, wetenschappers en bestuurders zo'n twee weken geleden al in het geweer: zij schreven een brief aan de universiteit met de oproep om een volwaardige hoogleraar te benoemen.



*'Friese vlag hangt uit protest halfstok bij universiteit Groningen' (foto: Algemeen Dagblad, 28-11-2022).*

Ook minister Hanke Bruins Slot (Binnenlandse Zaken) maakt zich zorgen. Ze vraagt zich af of het opvolgen van Goffe Jensma door een universitair docent niet in strijd is met de afspraken die het Rijk met de universiteit heeft gemaakt om het wetenschappelijk onderwijs van het Fries te bevorderen. Ze is daarom in gesprek met de universiteit.

**Boarne:** *Algemeen Dagblad*, 28-11-2022

---

## ***Fryske flagge fuorthelle by universiteitsgebou yn Grins; DINGtiid praat oer it Frysk***

*Sûnt it pensjoen fan heechlearaar Goffe Jensma is der opskuor oer syn opfolging. As opfolger is Anne Merkuur as universitêr dosint beneamd, mei in oanstelling foar twa dagen, wylst it foar Jensma in folsleine baan wie.*

Twa wike lyn rôpen tal fan Fryske pommeranten (wittenskippers, bestjoerders en skriuwers) de universiteit op om in folweardige heechlearaar te beneamen.

<sup>1</sup> De berjochten en foto's út de hjir oanhelle media binne byinoar brocht troch Sytze T. Hiemstra. Dy binne oanfolle troch ús JFM-lid Seye Brinkman en dêr binne wy wiis mei!

### **De Fryske flagge is fuorthelle by de Ryksuniversiteit Grins**

By de *Rede fan Fryslân* sei minister Bruins Slot feline wike dat se op koarte termyn oerlizze wol mei de RUG. Se frege har ôf oft it opfolgjen fan Goffe Jensma troch in universitêr dosint net yn striid is mei de ôfspraken tusken Ryk en universiteit oer it befoarderjen fan it wittenskiplik ûnderwiis fan it Frysk.

Yn de rin fan de moarn is de Fryske flagge fan de stôk helle.



## Bernlef hat in Fryske flagge oanbean by de universiteit

Der waard sein dat studinten fan de Fryske studinteferiening Bernlef wat mei de flagge te krijen hawwe soenen, mar se sizze dat dat net sa is. Wol hawwe de leden oanbean om har eigen Fryske flagge oan de universiteit út te lienen, mar dat woe de RUG net.

## Nachtlike fandalen

Neffens de wurdfierder fan de RUG is de flagge stikken makke troch nachtlike fandalen. ‘De vlag is halfstok gezet met een een tiwrap, waardoor het doek is gescheurd. Daarom is hij weggehaald.’

De universiteit hat net fuort in nije Fryske flagge. As dy besteld en levere is, wurdt er wer ophongen.

In delegaasje fan DINGtiid prate mei Jouke de Vries, foarsitter fan it kolleezje fan bestjoer fan de RUG, oer de heechleararekwestje. It advysorgaan hie as ynset dat der in folweardige en folsleine leargong Frysk en frisistyk komt mei goed wittenskiplik ûndersyk.

## Jan Koster fan DINGtiid

Jouke de Vries sei nei ôfrin fan it petear mei DINGtiid dat misferstannen út de wei wienen. ‘Op termyn komt der in heechlearaar, no is der in universitêr dosint en der komt in postdoc (ûndersiker) by.’



*De Fryske flagge hinget healstôk foar it Akademygebou fan de RUG (foto: Omrop Fryslân, Casper Slotboom).*

Neffens De Vries betsjinnet de universiteit it Frysk goed en binne se dwaande mei in tuskenoplossing. ‘Der wurdt enoarm ynvestearre, ek troch de RUG, yn it nije talint yn Fryslân.’

De Fryske flagge hinget healstôk foar it Akademygebou fan de RUG (foto: Omrop Fryslân, Casper Slotboom).

**Boarne:** *Omrop Fryslân* (28-11-2022).

## Friese vlag halfstok bij Rijksuniversiteit Groningen op dag van gesprekken over Fries: de Friese vlag bij de Rijksuniversiteit Groningen (RUG) is in de nacht van zondag op maandag halfstok én op de kop gehangen

*D*at is gedaan uit protest tegen het schrappen van de hoogleraar Friese taal en letterkunde. ‘De RUG hat de taak om it Frysk te dragen mei in heechlearaarskip, dit kin gewoan net’, stelt een van de actievoerders, een Friese deeltijdstudent geschiedenis aan de RUG die niet met zijn naam in de krant wil.

De maandag staat in het teken van gesprekken over het Fries. ’s Ochtends was Jouke de Vries, bestuursvoorzitter van de Groninger universiteit, op bezoek op het provinciehuis in Leeuwarden voor een gesprek met Commissaris van de Koning Arno Brok en gedeputeerde Poepjes. Later op de dag had *Dingtiid*, het adviesorgaan voor de Friese taal, op de universiteit een gesprek met De Vries. Gevraagd naar het verband tussen de gesprekken en de vlaggenactie zegt de actievoerder: ‘Neat is tafallich.’



*Grins, Fryske flagge by it Akademygebou (RUG) healstôk. De flagge is yn de nacht fan snein op moandei healstôk en op 'e kop hongen (LC, moandei, 28-11-2022, foto: Corné Sparidaens).*

## Vlag beschadigd

Volgens de Rijksuniversiteit is de Friese vlag bij de actie beschadigd geraakt. Omdat er geen nieuw dundoeck op voorraad is, moet er een Friese vlag besteld worden. In elk geval vandaag hangt er dus even geen Friese vlag voor het Academiegebouw. ‘De skea foar it Frysk is grutter as in flaggedoeck’, zegt de actievoerder. ‘Miskien kinne se in nijenien keapje fan de heal miljoen euro dy’t besparre wurdt mei it skrassen fan de heechlearaar Frysk.’ De actievoerders zeggen zelf een nieuwe vlag te willen betalen als er een nieuwe hoogleraar Fries geïnstalleerd wordt.

Het schrappen van de hoogleraar Friese taal en letterkunde noemt de actievoerder een ‘ûntholling’ van het Fries. ‘Der sitte twa Friezen yn it haadbestjoer sels. Soest sizze dat de Fryske belangen yn goeie hannen binne. Mar as dit trochgiet, stiet Jouke (de Vries, red.) der net goed op.’

## Oproep benoeming hoogleraar Fries

Twee weken geleden riepen zeventig Friese schrijvers, wetenschappers en bestuurders met een open brief aan de universiteit op om nog dit academisch jaar een volwaardige hoogleraar benoemen, als opvolger van de vorige maand vertrokken hoogleraar Friese taal- en letterkunde Goffe Jensma.

‘Der is gjin offisjele rykstaal yn Europa fan dizze omfang dêr’t de akademyske foarsjenningen sa foar útklaaid binne as foar it Frysk.’ Zonder hoogleraar kan de studie Fries zich niet staande houden in het huidige academische klimaat, zo stellen de ondertekenaars, onder wie voorzitter Doeke Sjens van de Stifting Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum (FLMD) en de nieuwe Tresoar-directeur Arjen Dijkstra.

**Boarne:** *LC-Ljouwerter Krante*, moandei 28-11-2022

## Friese vlag halfstok in Groningen na vertrek voltijd hoogleraar Fries



*De Fryske flagge hinget healstôk foar it Akademygebou fan de Ryksuniversiteit Grins (foto: Omrop Fryslân, 28-11-2022).*

*Bij de Rijksuniversiteit Groningen (RUG) hebben actievoerders vannacht de Friese vlag halfstok gehangen. Zowel binnen als buiten de universiteit bestaat al langer onrust over het verdwijnen van een volwaardige hoogleraar Fries. In de loop van de ochtend is de vlag weggehaald.*

Sinds het pensioen van hoogleraar Goffe Jensma is er ophef over zijn opvolging. Als opvolger is Anne Merkuur als universitair docent benoemd, met een aanstelling voor twee dagen, terwijl Jensma een voltijdfunctie had, schrijft *Omrop Fryslân*.



Twee weken geleden riepen tal van Friese prominenten de universiteit al op om een volwaardige hoogleraar te benoemen. In een open brief spraken ze van een ‘onnodige stap terug’ en ‘een harde bezuiniging voor onze kwetsbare minderheidstaal’.

De schrijvers, onder wie Jensma zelf, zijn bang dat het Fries aan de universiteit verdwijnt als er niet snel toch een volwaardig opvolger van Jensma wordt benoemd. ‘Immers zonder hoogleraar kan de studie zich in het huidige academisch klimaat niet staande houden.’

### ‘Niks mis met opvolger’

De universiteit kwam bij Merkuur uit omdat de sollicitatieprocedure geen ‘benoembare nieuwe professor’ opleverde, schrijft de regionale omroep. Dat vinden de briefschrijvers te makkelijk, volgens hen zijn er verschillende geschikte personen te vinden.

Met Merkuur is trouwens niets mis, zei Jensma eerder. Hij ziet in haar een groot talent. ‘Maar een voltijds-hoogleraar wordt nu vervangen door een universitair docent voor twee dagen per week. Dat is een teruggang.’

Ook minister Bruins Slot heeft zich uitgesproken over de kwestie. Ze vroeg zich vorige week in *de Rede van Fryslân* af of het opvolgen van Goffe Jensma door een



Ryksuniversiteit Grins hellet de Fryske flagge yn, dy't healstok hong (foto: Omrop Fryslân/NOS, 28/11/2022).

universitair docent niet in strijd is met de afspraken tussen Rijk en universiteit over het bevorderen van het wetenschappelijk onderwijs van het Fries.

Een delegatie van DINGtiid, een adviesorgaan voor de Friese taal, praat volgens de regionale omroep vandaag met de voorzitter van het college van bestuur van de RUG over de kwestie

**Boarne:** *Omrop Fryslân (NOS Nieuws, 28-11-2022)*

## Komt der dochs in nije perfester yn Grins?

*K*omt der dochs in heechlearaar Fryske taal- en letterkunde oan de Ryksuniversiteit Grins? De opfolchster fan perfester mjrkes Goffe Jensma is Anne Merkuur, dy't ynstee fan foltiidsheechlearaar in gewoane dosinte mei in dieltiidoanstelling wurden is. Dat late ta in soad protest, sawol yn Fryslân as by de polityk yn De Haach. Mooglik komt it no dochs oars.

Dat skriuwt de UKrant, de universiteitskrante fan Grins. ‘We willen nu kijken hoe we op een andere manier toch op het niveau van een hoogleraar iets kunnen organiseren’, seit wurdfierster fan de universiteit Anja Hulshof. Op hiel koarte termyn sil dat net slagje. Frou Hulshof seit: ‘Wij verwachten niet dat het voor kerst lukt.’

De universiteit hat fierder tasein dat er op it mêd fan de Fryske taal folle mear gearwurkje sil mei de Fryske Akademy en hegeskoalle NHL Stenden. Fierders wurdt der in ekstra fakatuere útskreaun foar in ûndersiker fan it Frysk.<sup>1</sup>

**Boarne:** *It Nijs, 7 des. 2022*

<sup>1</sup> Klik op: [Komt der dochs in nije perfester Frysk yn Grins? | It Nijs; https://ukrant.nl/komt-er-toch-een-hoogleraar-fries-rug-zoekt-naar-iets-op-dat-niveau/?fbclid=IwAR134qH4wtK9NvCnm9olZvMIICrFj23YA3APNnbf0o9IMNrxkKThB0b2cmY](https://ukrant.nl/komt-er-toch-een-hoogleraar-fries-rug-zoekt-naar-iets-op-dat-niveau/?fbclid=IwAR134qH4wtK9NvCnm9olZvMIICrFj23YA3APNnbf0o9IMNrxkKThB0b2cmY)



# Friese vlag halfstok bij RUG



De Friese vlag hangt halfstok, en op de kop, bij het academiegebouw van de Rijksuniversiteit Groningen. FOTO CORNÉ SPARIDAENS

TIM FIERANT

**GRONINGEN** De Friese vlag bij de Rijksuniversiteit Groningen (RUG) is in de nacht van zondag op maandag halfstok én op de kop gehangen.

Dat is gedaan uit protest tegen het schrappen van de hoogleraar Friese taal en letterkunde. 'De RUG hat de taak om it Frysk te dragen mei in heechleararskip, dit kin gewoan

net', stelt een van de actievoerders, een Friese deeltijdstudent geschiedenis aan de RUG die niet met zijn naam in de krant wil.

De maandag staat in het teken van gesprekken over het Fries. 's Ochtends was Jouke de Vries, bestuursvoorzitter van de Groninger universiteit, op bezoek op het provinciehuis in Leeuwarden voor een gesprek met commissaris van de Koning Arno Brok en gedeputeerde Sietske Poepjes.

Later op de dag had Dingtiid, het adviesorgaan voor de Friese taal, op de universiteit een gesprek met De Vries. Gevraagd naar het verband tussen de gesprekken en de vlaggenactie zegt de actievoerder: „Niks is tafallich.“

Volgens de Rijksuniversiteit is de Friese vlag bij de actie beschadigd geraakt. Omdat er geen nieuw dunboek op voorraad is, moet er een Friese vlag besteld worden. In elk geval vandaag hangt er dus even geen

Friese vlag voor het Academiegebouw.

„De skea foar it Frysk is grutter as in flaggedoek“, zegt de actievoerder. „Miskien kinne se in nije keapje fan de heal miljoen euro dy't besparre wurdt mei it skrassen fan de heechlearaar Frysk.“ De actievoerders zeggen zelf een nieuwe vlag te willen betalen als er een nieuwe hoogleraar Fries geïnstalleerd wordt.

**pagina 21: 'Schrappen hoogleraar uitholling van het Fries'**

# Jongfriezen wantrouwen procedure hoogleraar

MARIA DEL GROSSO

**LEEUWARDEN** Met een WOO-verzoek (Wet Open Overheid) probeert de Jongfryske Mienskip alle cijfers en correspondentie rond het hooglerarschap Fries aan de Rijksuniversiteit Groningen (RUG) op tafel te krijgen.

Het verzoek concentreert zich op de sollicitatieprocedure waar, zoals bekend, geen nieuwe hoogleraar Fries uit voortkwam na het vertrek van Goffe Jensma.

De Jongfriezen willen alle sms'jes, appjes, notulen en verslagen van de RUG en betrokken instanties, zoals de provinsje Fryslân, hebben over de zoektocht naar een geschikte kandidaat, over de sollicitatiecommissie, de sollicitanten en over de uiteinde-

lijke besluitvorming.

Het WOO-verzoek is naast de RUG geadresseerd aan alle instanties die met de leerstoel Hoogleraar Friese Taal te maken hebben. Van al deze organisaties wil de Jongfryske Mienskip ook weten hoe het liep met de financiering van de leerstoel in de jaren 2019 tot en met 2023. Omdat er op dit moment geen hoogleraar is, vraagt de vereniging wat er dan nu met het geld gebeurt dat voor het hooglerarschap bedoeld is.

Gedeputeerde Sietske Poepjes bevestigt dat op dit moment niét aan de voorwaarden wordt voldaan die gelden voor de subsidie aan de leerstoel. „Mar wy sjogge dat der hurd wurke wurdt om it tiidrek sûnder heechlearaar sa koart mooglik te hâlden. Mei de universiteit besprek-

ke wy hokker gefolgen dat hat foar de subsydje.“

„Wat docht de Universiteit fan Grins mei ús belestingild?“ is de vraag die de Jongfriezen stellen in een begeleidend persbericht. Volgens de club stuurt het universiteitsbestuur bewust op het verdwijnen van een academisch niveau voor de Friese taal 'sadat it Frysk in gesellich sprektaltsje bliuwt'.

Er waait volgens hun persbericht een discriminerende wind door de universiteit, waarbij van inclusie geen sprake is. 'Nee hear, de Universiteit fan Grins seit anno 2023 noch leaver 'Verboden für Friesen!'

Poepjes reageert hierop dat het niet aan de provincie is om een oordeel te geven over het 'karakter' van een instelling waaraan subsidie wordt gegeven. Wel kijkt de provin-

cie naar de resultaten en de weg daar naartoe. „Wy sjogge oft it jild goed bestege wurdt. Of dat no foar in dyk is, in teater-foarstelling of in leerstoel.“

Woordvoerder Anja Hulshof van de RUG noemt het jammer dat op deze manier gecommuniceerd wordt. „Dit doet het Fries geen goed.“ Zij is op de hoogte van het WOO-verzoek dat beoordeeld zal worden door de juridische afdeling van de universiteit. Als het verzoek voldoet aan de regels en kaders, die voor zo'n verzoek gelden, zal het in de behandeling worden genomen, meldt zij.

Volgens haar gaat de RUG de leerstoel absoluut invullen. „Mochten wij iemand over het hoofd gezien hebben, meld je, zou ik zeggen.“ Zij wijst erop dat de vijver waaruit ge-

vist moest worden heel klein is. Toen het met slechts enkele kandidaten in de sollicitieronde niet lukte, is nog een extra scoutingsronde gedaan. „Binnen het netwerk. Daar is ook niks uitgekomen.“ Het kan wel zo zijn dat er verschil van mening is over een kandidaat, geeft ze aan. „Dat mensen iemand geschikt achten die niet aan ons aannamebeleid voldoet.“

Dat er een sollicitatieprocedure is gevolgd, geeft volgens Hofstra wel aan dat de RUG serieus naar een opvolger zoekt. Maar er zit volgens haar een groot gat tussen de generatie van Goffe Jensma en jong aanstormend talent.

De generatie daartussen, op de leeftijd dat je meestal hoogleraar wordt, is dun gezaaid als het om het Fries gaat.



# Jongfryske Mienskip tsjinnet WOO-fersyk yn oer heechlearaar Frysk by RUG

*It Frysk akademysk ûnderwiis stiet ûnder gigantyske druk. De heechleararen Frysk yn Amsterdam en Leien koenen wol fuort en yn Grins begûn de ferskraling fan it universitêre Frysk mei it opbeffen fan de iennichste universitêre stúdzje Frysk yn Nederlân. No stiet ek de lêste heechlearaarstoel op 'e wip. En dat wylst de Provinsje Fryslân der alle jierren wol subsydzje foar jout. Wat docht de Universiteit fan Grins mei ús belestingjild? Dat wol de Jongfryske Mienskip witte.<sup>1</sup>*

De Jongfryske Mienskip wol dat de Universiteit fan Grins wurk makket fan in folsleine learstoel Frysk en dêrby de ried fan Goffe Jensma opfolget. Foar de Jongfryske Mienskip is de heechlearaarsstoel de earste stap. Doel is om it Frysk as selsstannige akademyske stúdzje fannijs libben yn te blazen.

“Sûnder Fryske akademisy gjin wurdboeken, gjin spraaksoftware, gjin grammatika's, gjin ûndersyk. Sûnder al dy dingen bliuwt it Frysk in gesellich sprektaaltsje. Dêr stjoert it universiteitsbestjoer bewust op ta. Wy wolle dat it Frysk as sprek- en skriuwtaal nije ympulzen kriget. Wy wolle in taal dy't rjochte is op 'e takomst en dy't wy mei alle helpmiddels trochjaan kinne oan ús bern.

Der binne hiel wat sinjalen dy't ús goede hoop jouwe. De Fryske mienskip en polityk wolle dit. Oan 'e NHL Stenden binne der alle jierren wer moai wat studinten dy't de learare-oplieding Frysk yn fol- of dieltiid folgje. Yn prinsipe steane alle sinjalen op grien en op 24 novimber 2022 tsjinnen Habtamu de Hoop (PvdA) en Harry van der Molen (CDA) in moasje yn ta it Wetlik Ferankerjen fan Wittenskiplik Ûnderwiis yn it Frysk. De moasje waard mei 149 tsjin 1 oannommen.

De Jongfryske Mienskip fynt dat Ryk en provinsje spikerhurd ôfreakkenje moatte mei de neo-liberale en diskriminearjende wyn dy't troch de Universiteit fan Grins waait. Ynklúzje? Nee hear, de Universiteit fan Grins seit anno 2023 noch leaver 'Verboten für Friesen!'"

De Jongfryske Mienskip hat dêrom in WOO-fersyk (Wet Open Overheid, foarhinne: Wet Openbaarheid Bestuur > WOB) yntsjinne by de RUG en alle belutsen organisaasjes en oerheden.

*Tabearke:* WOO-fersyk heechlearaar Frysk.

**Boarne:** *It Nijs*, 7 febr. 2023

<sup>1</sup> Klik ek op: [It Nijs: https://www.itnijs.frl/2023/02/jongfryske-mienskip-tsjinnet-woo-fersyk-yn-oer-heechlearaar-frysk-by-rug/?fbclid=IwAR14vxzd8RK6MWcS12MogXnGXWjL4RtLcrKzriUTyTIU169-VyKurLO86jI](https://www.itnijs.frl/2023/02/jongfryske-mienskip-tsjinnet-woo-fersyk-yn-oer-heechlearaar-frysk-by-rug/?fbclid=IwAR14vxzd8RK6MWcS12MogXnGXWjL4RtLcrKzriUTyTIU169-VyKurLO86jI) en it webstek fan de IFM: [https://jongfryskemienskip.frl/438-2/?fbclid=IwAR09n11Gb9Vf4QOJNoM\\_pyfJobGvHDmhLNwH-YpOWRsTRIRHPQMNdFr3yHw](https://jongfryskemienskip.frl/438-2/?fbclid=IwAR09n11Gb9Vf4QOJNoM_pyfJobGvHDmhLNwH-YpOWRsTRIRHPQMNdFr3yHw)



Ús passe wurden fan tank, tank oan allegearre dy't bliken jûn hawwe fan belangstelling en meilibjen foar en nei it ferstjerren fan ús omke

## Bertus Jans Postma

en syn oergong nei dat 'lân fan kleare ljocht'.

It folk yn de tsjerketsjinst en by it ôfskie op it hôf fan Ingelum kaam ús oan as syn mienskip, fielde ús as ien waarme tekken. Tige tank!

Ek tank oan alle meiwurkers fan Nij Statelân Menaam foar de leafdefolle fersoarging.

Famylje Postma

Zuidhorn, febrewaris 2023

*Tankbetsjûging fan de famylje Postma (febr. 2023) oan allegearre dy't bliken jûn hawwe fan belangstelling en meilibjen foar en nei it ferstjerren fan Bertus Jans Postma.*

# Oantinken oan Bertus Jans Postma

(12/04/1929 – 06/01/2023)

Klaas Abe Kamstra\*

**H**y wie in soan fan Fryslân, dat stiet op it grêfmonumint fan Tetman de Vries op it tsjerkhôf te Bitgum. Mar Fryslân hat mear soannen en Bertus Jans Postma wie dêr ien fan. Bertus en Tetman hiene mear mienskipliks. Sa hie Tetman in liet skreaun oer *Wêr sjogg' jo sa'n romte*, mei fjouwer kûpletten en dy einigje allegearre mei 'Fryslân, dat ik by dy hear'. Dat gou grif ek foar Bertus en wy hawwe it songen by syn ôfskie yn Ingelum.

Ik kaam yn 'e kunde mei Bertus Jans Postma, sa om 1980 hinne, doe't wy mei in ploechje Friezen de FRA ('Fryske Aksje')<sup>1</sup> oprjochte hawwe. Aksje foar alles wat ús troch it regear yn De Haach ûntnommen waard, dat bygelyks ús gas út 'e grûn helle en dêr neat foar werom joech, en foar mear misstannen dy't ta skea fan Fryslân wiene. Doe kamen wy gear by Bertus en Ymkje dy't doe noch yn Hallum wennen. En al gau die bliken dat Bertus net in trochsneed man wie, mar in *strider*.

Wy hiene doe al niget oan syn wize fan tinken en syn fûleindich opkommen foar de Fryske saak. It moast by ús noch groeie, mar Bertus sette troch en hold fêst oan syn prinsipes. In petear mei Bertus frege de nedige kennis fan it ûnderwerp, want Bertus gie net de koartste wei fan A nei B. As men mei Bertus yn petear woe, dan moast men jins wurden goed weagje, earst neitinke dan prate, want de Fryske taal wie him hillich, it moast geef en dat liet er dan ek wol blike.

Bertus en Ymkje ferfearen letter nei Bitgummole. Hja wennen dêr skoan oan It Bosklân en diene mei oan it libben yn en om it doarp. En Bertus fansels ek fier dêrbûten, want gjin stêd of doarp yn Fryslân hie net mei Bertus te krijen hân as it gie om de Fryske plak- en wetternammen. Dêr hat er oan it lêste ta foar striden en in protte mei berikt.

Op ús kofjemoarn wiene Bertus en Ymkje fêste gasten. En Bertus kaam, ek nei it ferlies fan syn oare helte, noch altyd trou by it 'praatkafee'. Dêr moasten de pleatslike skriuwers fan de lokale blêden en bestjoerders fan pleatslike ferienings faak efkes ta de oarder roppen wurde, omdat dy net alles yn ús eigen taal diene.

Wol waard foar Bertus nei it ferlies fan syn Ymkje dúdlik dat oan alles in ein komt en traktearre er by it praatkafee twa kear yn it jier op gebak, ien kear mei syn jierdei en in kear op 'e helte fan syn jubeljier. Mar alles waard dreger en de skonken lieten it ôfwitte. Hy wie in pear kear fallen, sels de traumahelikopter hie der foar him op út west. It autoriden waard ek minder. In lytse oanriding mei in meanmasine yn Stiens, dat wie de ein en de auto waard ferkocht. Dan wurdt de wrâld lytser en it libben beheinder.

Oant it op It Bosklân ek tige muoisum gie. Bertus ferfear mei pine yn 't hert nei Menaam. As wy him fregen hoe't it him foldie, dan wie it antwurd koart: 'Men hat sels neat mear yn te bringen.' Hy rekke ôfhinklik fan syn rolstoel en fan alle oare help en dan is soks in begryplik beskie. Sa gie Bertus op nei de ein en dêr wie er him bewust fan. Op freed 6 jannewaris is er, yn alle rêst efter syn krantsje, by ús wei fearn, nei Ymkje Marchje en syn Himelske Heit.

Bertus wie in strider, waard tige wurdearre by de fjochters foar Fryslân en de Fryske taal en wie earelid fan de Jongfryske Mienskip, dy't him nei syn lêste rêstplak droegen hat.

\* *Klaas Abe Kamstra wie bedriuwslieder en sjauffeur by taksyferfier Van der Pol te Bitgum. Hy is mei pinsjoen, mar noch warber as koster fan de Martinustsjerke te Bitgum en fersoarger fan it tsjerkhôf. Syn oantinken hat sa likernôch ek yn de doarpskrante stien.*

<sup>1</sup> De *Fryske Aksje* (ôfkoarte FRA) wie yn it tiidrek 1988-1998 in kollektyf dat foar de *Fryske* belangen yn 't spier wie.



---

# Dr. Bertus Jans Postma (1929-2023), earelid Jongfryske Mienskip, ferstoarn (II)

**Y**n Nij Frisia (*maitiid 2023, nû. 1, s. 8-15*) hawwe wy omtinken jûn oan it ferstjerren fan dr. Bertus Jans Postma, ús tige wurdearre JFM-lid, dy't jierrenlang oant it lêste ta ek fêste meiwurker fan Lyts Frisia en Nij Frisia west hat. *Wy sille him tige misse. Yn dit nûmer jouwe wy dêr fannijs omtinken oan, benammen oan de routsjinst, it te hôf bringen en it yn 'e geast fan Bertus oanpassen en ferbetterjen fan guon plaknammebuorden.*

## Routsjinst foar Bertus Jans Postma yn de tsjerke fan Ingelum

De foargonger by de tsjinst fan tank en ôfskied yn Ingelum op freed 13 jannewaris 2023 (13.30 oere) wie ds. Ulbe Tallingii. Hooplik kinne wy nochris omtinken jaan oan syn treflike en wiidweidige skets fan it libben en skreppen fan Bertus. Fierders wiene der taspraken fan Jan Dykstra, FNP-wethâlder yn de gemeente Waadhoeke, en fan Sander Hoekstra, foarsitter fan de Jongfryske Mienskip. Dy litte wy hjirûnder folgje.

## Taspraak fan Jan Dykstra, FNP-wethâlder yn de gemeente Waadhoeke

Goemiddei allegear, dy't hjir oanwêzich binne foar Bertus Jans Postma. Myn namme is Jan Dijkstra en ik sprek as goekunde en út namme fan de FNP. En dan benammen ek foar de ôfdieling *Waadhoeke*, dêr't Bertus lid fan wie. Bertus, sa mei ik him neame, wie in trou en belutsen lid. Bertus Jans Postma, 12 april 1929 – 6 jannewaris 2023, 93 jier en altyd warber, by de tiid, skerp en striidber.

Op sneon 7 jannewaris (2023) hiene we ús nijjersbyienkomst yn Hitsum. Koart dêrfoar kaam it nijs dat Bertus rêstich ferstoarn wie. Dêrmei misten we him fuort, want eins miste er nea. Earder kaam er mei syn sydsulver Ymkje Meester en nei har ferstjerren yn 2019 allinnich. Úteinlik yn de rolstoel, mei in taksy en syn Fryske-flaggestrik. Eltse gearkomste wie Bertus der. As Bertus der wie, dan wied er der ek. Nea ferlegen om syn miening te jaan. Op syn eigen skerpe, humoristyske, rjochtlinige wize. Yn ien fan de lêste gearkomsten joech ús foarsitter Sietze de Haan oan dat we yn de kampanje in protte jild útjûn hiene. Bertus frege wêrom't wy dat dien hiene. Sietze sei: "Om in goed resultaat te heljen." Syn antwurd wie dat it jild dan goed bestege wie. By it omfreegjen

pakte Bertus eins altyd syn momint. Om op syn eigen wize yn alle gefallen it CDA, of watfoar oare partij ek, in snuter te jaan. Om úteinlik mei koartswyl, ferwizend nei krante-artikels, earder nommen besluten en alderhanne ferdragen te kommen mei in miening of lestich te beäntwurdzjen fraach.

## Lykberjochting foar it Frysk, ek by plaknammen

Foarop stie syn striid foar de lykberjochting fan ús Fryske taal. En dat woed er as basis werom sjen yn de Fryske plaknammen. De plaknammen yn ús eigen taal yn de *Gemeentlike Basis Administraasje*. Sa lang as ik him ken, hat er him dêrfoar ynsetten. Hy akseptearre net dat de polityk it yn ferskate gemeenten net woe. We hawwe dêr dan ek stevige diskusjes oer hân. Dan kaam alles fan wjerskanten op 'e tafel en wy diene dat mei respekt foar elkoar. Ik joech nei him oan dat wy, mei troch syn striid en trochsetten, yn en nei de midden fan de foarige iuw, it Frysk no brûke kinne wêr't wy dat wolle, ek bestjoerlik. Hy akseptearre myn útlis oer ús situaasje, al wied er it der net mei iens. Nei sa'n diskusje sei er in kear: "Jo meie wol Bertus sizze." Dat die ik fan doe ôf dan ek.

Syn trochsetten hat derfoar soarge dat it provinsjaal mei de wetternammen slagge is. En sûnt dy tiid binne der neffens my net folle minsken op it wetter ferdwaald. En yn *Frijentsjerteradiel*, no *Waadhoeke*, hawwe wy dêr tankber gebrûk fan makke mei in wenwyk, de Alvestêdewyk, mei Fryske strjit- en wetternammen. In grut sukses foar Bertus wie it ferfryskjen yn *Noard-east-Fryslân*, troch de FNP dêr. Syn bertedoarp *Holwerd* waard dan ek op 1 jannewaris fan dit jier **HOLWERT** (mei in **t** yn it Frysk)!

## Strider foar geef Frysk

Bûten de plaknammen wie Bertus ek skerp op it brûken fan it Frysk en dan ek it *geve* Frysk. Ik neamde him ús Frysk gewisse. Sels haw ik him nea betraapje kinnen op in wurd Nederlânsk.

Neffens ferhalen liet er syn frou ris yn Ljouwert stean doe't se Nederlânsk spruts yn in winkel. Se moast sels mar sjen thús te kommen. Dat it djip siet, lit by oerlevering ek it folgjende sjen. Nei it fuortfallen fan syn

bettere oare helte Ymkje wenne Bertus allinnich yn syn hûs yn Bitgummole. Dêr namen doarpsgenoaten him geregeld mei nei tsjerke. Op in kear wie Bertus lykwols fallen en lei yn 'e hûs, doar op it slot. Troch de brievebus wie der kontakt: "Giet it Postma, wat is der oan de hân?" "Ik bin fallen en kin net oerein." Bûten waard oerlein en doe troch de brievebus: "Postma, we sille efkes om in *sleutel*, we komme daliks wer." Doe rôp Bertus: "De 'sleutel' dat wurdt neat, jim moatte om 'e *kaai* freegje!"

### **Oanfraach Fryske nasjonaliteit**

Ek hie Bertus graach syn Nederlânske nasjonaliteit feroarje wollen yn de Fryske nasjonaliteit, mar dat is net slagge. Bertus Postma, noch beweger as yn de jierren fyftich. Alles lêze ... en in miening hawwe. Bliuwend

ynsprekke oer plaknammen yn mannich gemeenterie. Skriuwer yn deiblêden en fan opinystikken. Oanhâlde as storein. Bodder, strider. Net altyd foar elts maklik ... soms sieten omstanners ek mei kromme teannen. Ek koartswyl. Hy hat him nearne earne eat fan oanlutsen. Wie der altyd en bleau by de tiid. Yn koroanatiid die Bertus ek mei oan de zoom-gearkomsten.

Bêste Bertus, tank foar jo foarwurk. Jo striid kinne wy mei fierder. Tank foar alles wat jo foar de Fryske saak dien hawwe. Tank foar alles. Wy sille jo misse. Rêst yn frede. Ik wol einigje mei jo eigen wurden nei mannich gearkomste: 'Amen en út'.

*Jan Dijkstra*

## **Taspraak fan Sander Hoekstra, foarsitter Jongfryske Mienskip: Bertus Jans Postma 1929-2023**



De kiste fan Bertus Jans Postma yn de tsjerke fan Ingelum (foto: S.T. Hiemstra).

It wie op in gearkomste fan de *Ried fan de Fryske Beweging* dat ik Bertus Jans Postma foar it earst yn aksje seach. Mei syn heldere dúdlike stimme sette er de hiele gearkomste yn twa sinnen nei syn hân. Ik kaam der efter dat dy âld strider der einliks hast yn syn ientsje, mar wol mei help fan syn bettere helte Ymkje Marchje, foar soarge hie dat alle wetternammen yn 2007 in Fryske namme krigen hiene. Postma wie strak yn 'e lear: neist syn leuwen yn god en it bodzjen foar de Fryske saak wied er fan betinken dat men oanhâlde moat as storein om risseltaat te berikken.

Yn 2019 wied er 70 jier lid fan de *Jongfryske Mienskip* en doe hawwe wy as bestjoer besletten om him it *Jongfryske Earekrús* ta te kennen. En dat Jongfryske Earekrús waard him útrikt troch ús kommissaris fan de Kening, Arno Brok.

Hy miste nea in gearkomste. Yn 2021 hiene wy in smûke jûn organisearre yn 'e boppeseal fan ien fan ús bestjoersleden. Wy soene om acht oere begjinne en doe ried der ynienen in taksybuske it hiem op. Dêr rôle Bertus Postma út. Hy wie wat grimmitich doe't er seach dat de smûke jûn yn de boppeseal wie. Dat stie net yn de útnûging, sa ornearre er. Ik andere: "Postma wy rêde



dermei.” Wy hawwe doe mei trije man Postma út 'e rolstoel helle en by de trep op tild. Hy fûn dat bêst wol spannend. Doe't ik letter op 'e jûn frege: “Wolle jo noch wat drinke, Postma?”, seid er: “Better fan net, want it is ekstra gewicht dat jimme aansens wer nei ûnderen tôgje moatte.” Humor mei in kern fan wierheid. Geregeld waarden der ynstjoerde stikken fan him yn de *Ljouwerter Krante* pleatst. Mar ek skreau er faak amtners oan of sjoernalisten dy't plaknammen en wetternammen yn de ferkearde taal opskreaun hiene.

By alles wat de Fryske saak oangie, stied er foaroan om te striden foar it heechste doel. Hy wist dat syn tiid oprekke. Op in gearkomste fan de *Ried fan de Fryske Beweging* yn 'e maitiid fan '22 frege ik Postma by de neisit: “Wat fûnen jo fan dizze gearkomste?” Hy andere dat der sa'n fjirtich minsken oanwêzich wiene en de gearkomste twa oeren duorre hie. Dat hy konkludearre dat der wer 80 oeren fuortskiten wiene. Dy tiid hiene wy neffens Postma better brûke kind om doarpsbelangen

oan te skriuwen om te striben nei Fryske plaknammen. Hy sei tsjin my: “It is no de gouden oere, jimme moatte no trochsette. Op Friezen, op ...” en mei dy wurden ferliet er de neisit. In bysûnder man is hinne-gien. Wy as bestjoer en leden fan de JFM wolde Postma de eare bewize dy't him takomt.

Dêrom draach ik it folgjende gedicht foar.

*Wy hawwe gjin twa talen fan God krigen  
Ien foar de skuorre en ien foar de tsjerke  
Ien foar it folk en ien foar de hearen  
Ien foar de deis en ien foar sneins  
Ien foar de minsken en ien foar God  
Ien taal hawwe wy krigen  
En dy iene taal is ta alles genôch*

***Bertus Jans Postma, rêst yn frede en tige tank  
foar al jo bodzjen foar de Fryske saak!  
Út namme fan it bestjoer fan de Jongfryske Mienskip***

## ***De Jongfryske Mienskip bringt nei de routsjinst de kiste nei it grêf en past efkes letter de kombuorden fan Ingelum en Ljouwert oan***



*De kiste wurdt opdroegen troch de Jongfryske Mienskip (foto: S.T. Hiemstra).*



*De Jongfryske Mienskip bringt Bertus te hôf (foto: S.T. Hiemstra).*



## It oanpassen en ferbetterjen fan kombuorden

*JFM*: “Hjoed hawwe wy ús earelid Bertus Jans Postma te hôf brocht. Wat hied er soks moai fûn. **Ien taal is ta alles genôch!**”



*Jitte in amerij fan stiltme by de Jongfriezen (foto: S.T. Hiemstra).*

*De lêste wurden fan dominy Ulbe Tjallingii (rjochts mei de mikrofoan) by it rêstplak foar Bertus (foto: S.T. Hiemstra).*



*Leden fan de JFM en de redaksje fan Nij Frisia drinke nei de begraffenis jitte ien op Bertus en op de iennichste echte plaknamme: **Ingelum** (foto: JFM).*



*It heart fansels ek ientalich LJOUWERT te wêzen (foto: JFM)*

*By útritten hearre de buorden tenei ek 'gewoan' yn it Frysk en moat it 'út' wêze mei al dat Hollânsk (foto: JFM).*





## Besprek fan it Projektplan Taalplan Frysk 2030 (ferzje novimber 2021) (II)

Taalplan Frysk 2030<sup>1</sup> is sympatyk bedoeld, mar neat hoecht: belied allinne rjochte op ambysje fan de útfierder stiet in lykwaardige posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis yn it paad.

*It foarste part (diel I, paragrafen 1 o/m 4) fan it besprek fan it Taalplan Frysk 2030 is te finen yn it foargeande nûmer fan Nij Frisia, nû. 4, winter 2022, s. 27-30.*

### 5 It projekt Taalplan Frysk bydel

Yn *Rapport Taalplan Frysk* (2018) wurde yn paragraaf 14.2. trije manieren fan oanrikkemandearjen jûn: it kurrikulum lykas *bedoeld*, lykas *útfierd* en lykas *berikt*. Yn it neikommende besjogge wy it út it earste stânpunt wei: it 'kurrikulum lykas bedoeld', it ideale kurrikulum. Sûnder in lykwaardich en lykberjochtige plak foar it Frysk op de skoallen kin fan 'bloei en takomst' gjin sprake wêze.

#### 5a Foaropwurd

Deputearre Poepjes is (noch) mei it Frysk grut wurden, mar dy situaasje is wilens langer net fanselsprekkend mear. Sûnt 1967 is it tal fan hûs út Frysktaligen sakke fan in 70% nei ûnder de 50% troch de migraasje en de iensidige maatskiplike druk fan en troch it Hollânsk. Bern fan Frysktalige âlden stappe gauris ek yn petear mei heit en mem op it Hollânsk oer as hja op pjutteboartersplak/basisskoalle te iensidich mei dy taal konfrontearre wurde. It wêzentlike punt is net oft it Frysk 'moai' is, mar oft de Friezen it *rjocht* hâlde en krije op in folweardich plak yn it ûnderwiis en dat is nochal wat mear as in estetyske noarm.

#### 5b Projektplan

It is in goed útgongspunt om alle ûnderwiissektoaren by it projekt te belûken en net allinne de sektoaren mei in wetlike taak foar it Frysk. It Hollânsk wurdt ommers ek standert yn alle ûnderwiissektoaren brûkt en foar it learen en brûken fan de taal is in trochgeande learline wichtich. Gearwurking fan organisaasjes is in goed



ding, mar wy misse in ferwizing nei de foar it Frysk noch hieltyd negative en opkearende wetjouwing.

#### 5c Foarskoalsk

Fan de 400 lokaasjes binne 265 twatalich. It *Sintrum Frysktalige Berne-opfang* (SFBO) docht al jierren hiel goed wurk, mar it Frysk is op oare pjutteboartersplakken noch hieltyd gjin lykwaardige taal. In beskamsume situaasje. Taalferlies en ferfrjemding fan eigen taal binne dan aloan oan 'e oarder. Oarstalige bern wenne dan like-min oan ferstean en brûken fan it Frysk. De frijheid fan pjutteboartersplakken om it Frysk te negearjen bestiet dêr net foar it Hollânsk. As Provinsjale Steaten it goed mei it Frysk foar hawwe, hearre – yn oparbeidzjen mei de gemeenten – **alle lokaasjes twatalich** te wurden. Der is ferlet fan eigen foech en wetjouwing.

#### 5d Primêr ûnderwiis

Mei rjocht en reden wurdt útgien fan in folslein aanbod (op syn minst alle keardoelen yn alle groepen en op foldwaande nivo). Oer de nije keardoelen Frysk hawwe al twa wurkgroepen gear west, mar it is noch ûnwis hokfoar nivo oft dy krije. Wat it basisûnderwiis oanbelanget wienen dy fan foar 2006 noch lykwaardich oan dy foar it 'Nederlands', mar se waarden dêrnei yn nivo ferlege. In earmer taaloanbod Frysk soe de skoallen better motivearje, benammen mei it each op de net-Frysktalige learlingen, wie it tinken.

It provinsjale ûntheffingsbelied docht der noch in skepke boppe-op. De ûntwikkele skoalprofielen jouwe skoallen de mooglikheid om – yn striid mei wetlike

<sup>1</sup> [DS-Taalplan Frysk 2030.pdf](#)

kearndoelen as in *minimum*oanbod – mear of minder fan de ferplichte kearndoelen neffens eigen goedfinen te skrassen. Benammen Frysktalige bern krije dan gjin kâns om de eigen taal ek skriftlik te bemasterjen.

Wol de doelstelling fan it projekt lykwols kâns fan slagjen hawwe, dan binne de niisneamde opnommen ymplementaasjemaatregels ûnfoldwaande. Oanslutend by it *Rapport Taalplan Frysk* (2018) is ek neffens de FFU it neikommende needsaaklik:

1. By in ryk taaloanbod yn alle groepen heart de learkrêft betûft te wêzen om goed ûnderwiis yn it Frysk te jaan. Behersking fan it Frysk heart dan ek in funksje-eask yn it Fryske ûnderwiis te wêzen. Foar it Hollânsk is dy eask de gewoanste saak fan 'e wrâld. Dêrom dat yn 'e rin nei 2030 alle learkrêften sûnder foech it foech Frysk helje sille. Yn it beneamingsbelied wurdt opnommen dat learkrêften sûnder foech ferplichte binne om it foech noch te heljen. It mei net foarkomme dat de bern gjin goed ûnderwiis yn it Frysk krije kinne omdat de learkrêft net betûft is.
2. Yn de jierren oant 2030 wurdt der in begjin makke mei it jierliks tafersjoch op fuortgong yn ûntwikkeling en resultaten. It earder, op fersyk fan de ynspeksje, ûntwikkele GRIP-materiaal (evaluaasjesysteem Frysk) kin no ynset en fierder ûntwikkele wurde. De Eintoets Basisûnderwiis sil oanpast wurde moatte oan de situaasje yn Fryslân.

Sûnder Frysk as **funksje-eask** en in **jierliks tafersjoch op de kwaliteit** fan it ûnderwiis yn it Frysk bliuwt it ûnderwiisbelied in kwestje fan diskriminearjende heal-slachtigens. No't in protte lytse basisskoallen mei relatyf mear omtinken foar it Frysk de lêste jierren de doarren slute, is it nammerste mear fan belang dat alle skoallen – en dus ek dy yn de grutte(re) plakken – folweardich Frysk as fak jouwe en as ynstruksjetaal brûke.<sup>2</sup>

### 5e Fuortset ûnderwiis

By de ferplichting fan it Frysk yn de ûnderbou (1993) binne de kearndoelen Frysk – yn tsjinstelling ta dy yn it basisûnderwiis – differinsjearre neffens de taaleftergrûn fan de learlingen. Soks is net it gefal mei dy foar it Hollânsk, wylst de taalferskillen by de bern dêr likegoed grut wêze kinne en ek binne. By it fêststellen fan de kearndoelen foar it Frysk waard sûnder grûn oannommen dat net-Frysktalige learlingen minder Frysk hoegden te learen en dat ek net koenen. Op basis fan in 'vederlichte' ferplichting – beheind ta de ûnderbou – late dat op de measte skoallen ta mar ien oere Frysk yn

'e wike. Yn it Taalplan wurdt foar 2030 útgien fan in folslein oanbod fan in foldwaande nivo en in ferplichting yn alle klassen fan de ûnderbou. It *fakultatyf* eineksamen Frysk en meartalich ûnderwiis wurdt op alle skoallen oanrikkemandearre.

### In tal opmerkings:

- Der wurdt neat sein oer oft by in folslein oanbod en foldwaande nivo wer differinsjearre kearndoelen neffens taaleftergrûn fêststeld wurde. It is wittenskiplik net fol te hâlden dat Frysktalige bern yntelliginter binne as oarstalige learlingen. Wol binne foar partisipaasje yn it maatskiplik libben kennis en feardichheden op it mêd fan it Frysk foar alle learlingen like wichtich. Yn it Cedind-advys (2021) oer de nije kearndoelen Frysk wurdt differinsjaasje fan kearndoelen ôfwiisd, omdat differinsjaasje yn de lessituaasje thúsheart (ynterne differinsjaasje). De pedagogysk-didaktyske regel yn it ûnderwiis is dat alle learlingen 'safier mooglik komme' kinne.

- Hoewol't de provinsje foarstanner is fan in trochgeande learline, wurdt dat net as in doelstelling opnommen: de ferplichting wurdt beheind ta alle learjierren fan de ûnderbou (ûnderbou fan 2 of 3 jier). Dat soks net helpt om mear/alle learlingen oan de ein fan de oplieding eksamen Frysk kieze te litten sil dúdlik wêze.

- Der wurdt yn it projektplan keazen foar it Frysk as *fakultatyf* eineksamenfak op – dat noch wol – alle skoallen. Dêrmei bliuwt it Frysk wer hingjen yn de frijbljuwende sfear, fierhinne op grûn fan politike ûnwil by de oerheid en ideologysk ferset yn it ûnderwiis. De negatieve gefolgen foar it brûke kinnen fan de taal en de kwaliteit fan it taalgebrûk binne dan ek alle dagen waar te nimmen. It 'Nederlânsk' en it Ingelsk binne wol ferplichte eksamenfakken, mar it Frysk net. Soks freget om wetsferoaring en mear foech foar de provinsje.<sup>3</sup>

- Meartalich ûnderwiis hat positive skaaimerken op betingst dat de earste taal foarop rint. Hoewol't it projektplan meartaligens mei it Frysk as *fiertaal* in goede saak fynt, wurdt tagelyk konstatearre dat mar op 4 fan de 90 lokaasjes foar fuortset ûnderwiis sprake is fan 'Meartalich Frysk Underwiis' (MFU) mei njonken it Hollânsk ek it Frysk en it Ingelsk. Fan in stikmannich skoallen is bekend dat learlingen ek twatalich Hollânsk-Ingelsk

<sup>2</sup> <http://ffu-fri.eu/PDF/FFU-Beneamingseask.uw.pers.pdf> (2003).

<sup>3</sup> Sjoch ek: [FFU-Frysk as ferplichte eksamenfak hâfu/twû.pdf](#) (5 april 2006).



folgje kinne, mar dan wurdt it Frysk likegoed diskriminearre. No sille skoalstipers grif oantrúnje op partisipearjen yn it *Netwurk MFU*, mar fan lykwaardigens is gjin sprake.

Sil yn it fuortset ûnderwiis it Frysk wól in lykwaardich plak krije, dan wurdt

- it Frysk in ferplichte fak yn alle klassen op alle skoallen,
- it Frysk taheakke oan de list mei ferplichte eineksamenfakken,
- op alle skoallen in meartalich programma ynfierd mei ek it Frysk as fier- en ynstruksjetaal by in tal wichtige fakken (ek skriftlik).<sup>4</sup>

Ien en oar betsjut dat it Frysk as funksje-eask ek prioriteit krije moat. Foar de 2de-graads learare-oplieding Frysk fan NHL Stenden sil dat in wêzentlike fersterking betsjutte. De fraach nei leararen dy't ek betûft binne om yn it Frysk les te jaan, sil tanimme.

### 5f Middelber beropsûnderwiis

It is út soarte in omisje dat it Frysk gjin ferplichte status hat yn it middelber beropsûnderwiis (mbû), wylst dat foar it Hollânsk en it Ingelsk wol it gefal is. It projektplan stelt mei rjocht dat in plak foar it Frysk yn it mbû benammen fan belang is foar it deistich libben en it ekonomysk ferkear. Dochs wurdt as doel formulearre om alle learlingen **de mooglikheid** te bieden om Frysk te learen yn in op it berop ôfstimde kontekst en de taal as ûnderdiel fan it kurrikulum te meitsjen. It oanbelangjende oanbod Frysk sil dus útboud wurde moatte nei in regulier programma-ûnderdiel foar alle studinten. By de eksamens kin it Frysk ferplichte wêze by in tal op it berop ôfstimde ûnderdielen.<sup>5</sup>

### Der moat no einlins ris 'rjocht' dien wurde!

Dy stiid is noch lang net foarby en wy dogge sadwaande benammen in driuwend berop op ús beliedsmakkers en steateleden om folslein har eigen ferantwurdlikens te nimmen. Ús politisy binne der om it *algemien belang* te tsjinjen en se meie har net ferskûlje efter (guon) skoalmanagers dy't op ferkearde ideologyske grûnen it Frysk leafst safolle mooglik bûten de skoalle keare wolle.

It Frysk moat dus as fak en as fiertaal in (oan it Hollânsk) lykwaardich plak krije yn ús ûnderwiis mei:

1. alle jierren in effektive *kwaliteitsbeoordieling*;
2. *learkrêften* dy't it op ridlike termyn it Frysk allegearre goed behearskje;
3. it ûntwikkeljen fan *yntegraal meartalich lesmateriaal* foar in *meartalich konsept*, werby't de lesstof systematysk, ôfwikseljend en lykwaardich yn de trije ferplichte talen *oanbean* en *leard* wurdt.

Stride jo ek mei? Dan leafst opjaan by: [ffupost@hotmail.com](mailto:ffupost@hotmail.com).

### De doelen fan de Feriening Frysk ûnderwiis (FFU)


Goed tritich jier lyn is de *Feriening Frysk ûnderwiis (FFU)* oprjochte (yn 1987) om lykberjochting te krijen foar it Frysk (klik ris op: [www.ffu-fri.eu](http://www.ffu-fri.eu)) en stribbet de neikommende doelen nei:

1. It Frysk moat de *earste* taal wurde yn Fryslân, dus ek yn it ûnderwiisdomein. Dat hâldt ûnder mear yn dat it Frysk yn it eigen taalgebiet in normaal, folslein akseptearre, mûnling en skriftlik kommunikaasjemiddel wurde moat en as sadanich yn it meartalich ûnderwiis as fak en as fiertaal in folweardich plak fer-tsjinnet.
2. It Frysk moat in ferplichte (eksamen)fak wurde foar alle learlingen yn Fryslân en ek in ferplichte ynstruksjetaal (by oare fakken) yn it algemien foarmjend ûnderwiis (foarskoalsk ûnderrjocht, basis- en fuortset ûnderwiis, spesjaal [fuortset] ûnderwiis) en it beropsûnderwiis (mbû en hbû). De foarderings fan de learlingen yn de Fryske taal en de Fryske skiednis moatte systematysk en frekwint folge wurde mei in noarmearre, falide en betrouber learlingfolch- en toets(ings)systeem.
3. De keardoelen en eksameneasken foar de Fryske taal, kultuer en skiednis moatte lykwaardich wêze oan de keardoelen en eksameneasken foar it Hollânsk (Nederlânsk) en de Hollânske (Nederlânske) skiednis. It foech dêroer moat folslein by de provinsje Fryslân lizze.
4. Op it nivo fan de skoalle as organisaasje moat it Frysk yntern en ekstern mûnling en skriftlik folweardich (oan it Hollânsk) funksjonearje (bgl. yn de administraasje en korrespondinsje, op buordsjes en paadwizers, opskriften, briefepapier ensfh.). Dy 'sichtberenseask' moat ien fan de bekostigings- en subsidzje-betingsten wêze.
5. De Fryske learare-opliedings foar it basis- en fuortset ûnderwiis moatte twa- of trijetalich funksjonearje, mei in plak foar it Frysk as fak en as ynstruksjetaal dat net minder is as dat fan it Hollânsk (Nederlânsk) en it Ingelsk. De dosinten/oplieders dy't it Frysk as ynstruksjetaal brûke by oare fakken as it fak Frysk, moatte it Frysk sels ek op in goed nivo behearskje mei in dúdlike ûndergrins.
6. De learmiddels foar it twa- of trijetalige basis- en fuortset ûnderwiis (ynklusyf it spesjaal ûnderwiis) moatte it Frysk yntegraal in op syn minst lykwaardich plak jaan oan dat fan it Hollânsk en it Ingelsk (oanpart 35% of mear). De trije talen yn dy yntegrale learmiddels moatte ûnderling systematysk ferlike wurde op ferskillen en oerienkomsten.
7. Alle ûnderwiisynspekteurs en ûnderwiisbegelieders dy't (ek) yn Fryslân har wurk dogge, moatte it Frysk aktyf mûnling en skriftlik op in foldwaande nivo behearskje en in goede kennisse hawwe fan de Fryske kultuer en skiednis.
8. Nije ynkommelingen/migranten yn Fryslân moatte it Frysk op syn minst ferstean en lêzen leare en dat oantoane kinne (bgl. troch it op in foldwaande nivo ôflizzen fan noarmearre, falide en betroubere toetsen).
9. Der soe mear (wetlike en feitlike) romte komme moatte foar learlingen bûten Fryslân om op skoallen bûten ús provinsje (op oanfraach fan de âlden) Frysk te kiezen. Ek oare talen as Nederlânsk en Ingelsk (oeral ferplichte fakken) besykje oer it hiele lân op dat stik mear rjochten te krijen, wêrby't nije digitale mooglikheden en ôfstânsûnderwiis dat yn de praktyk realisearje kinne. Der sille yn it him ûntwikkeljende Europa (EU) mear taalrjochten komme moatte foar de lytse(re) autochtone talen, wol it biedwurd 'ienheid yn ferskaat' gjin lege dop bliuwe en wolle dy har steande hâlde kinne foar de oerhearskjende talen oer.



<sup>4</sup> Oer de needsaak fan yntegraal meartalige metoaden foar it Fryske ûnderwiis: [http://ffu-fri.eu/PDF/130908.\[3\]Yntegraal.meart.metoaden.FFUlogo.pdf](http://ffu-fri.eu/PDF/130908.[3]Yntegraal.meart.metoaden.FFUlogo.pdf) (8 sept. 2013).

*Efterside (lofts) en foarside (rjochts) fan it twadde struibrief fan Sis Tsiis út 2018.*



Mei in trochgeande learline foar eagen sil der wurke wurde moatte oan in wetlike regeling om it Frysk yn it mbû in fanselssprekkend plak te jaan. Betingsten binne neist *alle stimulearjende maatregels* dat:

- it Frysk tenei ek in funksje-eask is by de op it Frysk rjochte programma-ûnderdielen,
- de ûnderwiisynspeksje tafersjoch hâldt op de útfiering en de kwaliteit fan de op it Frysk rjochte programma-ûnderdielen.

### 5g Heger berops- en wittenskiplik ûnderwiis

#### *Pabû*

Sûnt it stúdzjejier 2020-2021 binne op de Ljouwerter hegeskoalle de pabû-studenten ferplichte om it programma foar it foech Frysk te folgjen en om dat foech ek te heljen. Ien en oar is fêstlein yn de *Kennisbasis Frysk pabû*. Foar de learkrêften oan de basisskoallen dy't harren net betûft mei it Frysk fiele, wurdt de kursus *Klasse Frysk* oanbean. Om ek yn de takomst wis te wêzen fan foldwaande persoanen foar it ûnderwiis yn it Frysk is dy ferplichting in moaie earste stap. Studenten lykwols dy't net bot motivearre binne, net Frysktalich binne of gjin baan yn Fryslân wolle, kinne harren dan ynskriuwe litte op in pabû bûten Fryslân.

In probleem foar de pabû-oplieding is net sasear dat der omtinken wêze moat foar meartalige didaktyk, mar benammen foar it grutte ferskil yn taalfeardeichheid yn it Frysk by de studenten. Hjir wrekt him de situaasje dat yn de foarbye jierren in protte skoallen foar basis- en fuortset ûnderwiis it ûnderwiis yn it Frysk sa folle mooglik opkeard hawwe. Frysktalige studenten binne noch gauris skriftlik 'analfabeet' yn eigen taal en de oarstalige studenten hawwe boppedat hiaten yn ferstean en praten fan de taal.

Yn de trijejierrige oanpak sil besocht wurde om alle studenten de taalfeardeichheid yn it Frysk op B2-nivo te krijen (ûntwikkele *Referinsjeramt Frysk*). Dêrta moat in skriftlike toets ôflein wurde of moatte se slagge wêze foar it *Fryslân A-eksamen* fan de Afûk. Om net-Frysktalige studenten ekstra te helpen is in online-kursus skriuwen ferplichte en yn in 'maatjesprojekt' wurdt in net-Frysktalige student keppel oan in Frysktalige meistudent foar persoanlike help.

It is in ambisjeus plan, al hawwe wy noed oer it nivo fan 'eigen feardigens'. Yn de propedeuze steane fjouwer lessen Frysk (eigen feardigens) oanjûn en foar de haadfaze acht lessen. Foar de mûnlinge feardichheden is in online-kursus net tarikkend. Mei systematyske transfer tusken talen kin it tiidsprobleem oanpak wurde, mar

tekoarten yn de mûnlinge feardichheden – benammen by Hollânsktalige studenten – kinne sa net adekwaat oplost wurde.

Wat it Frysk as fiertaal oanbelanget wurdt fan de studenten frege om op de staaeskoalle ek lessen by oare fakken yn it Frysk te jaan. Yn it plan wurdt eins gjin konkrete ynformaasje jûn oer it Frysk as fier- en ynstruktetaal by oare fakgebieten yn de oplieding. Sa hâldt it Frysk dochs wer syn isolearre posysje. Krekt it brûken fan de taal by oare programma-ûnderdielen is fan grut belang foar:

- a. de nedige oefening;
- b. de lykweardigens fan de taal.

De fraach is relevant oft de ferplichting fan it Frysk op de Ljouwerter pabû soargje kin foar foldwaande persoanen mei foech Frysk op **alle** basisskoallen yn ús provinsje. Skoalbestjoeren kinne ek learkrêften sûnder foech Frysk fan pabû's bûten Fryslân beneame. Âld-ûnderwiisminister Slob fûn okkerjiers – mei it each op de krapte oan ûnderwizend persoanen – dat dêrom mar net oer dat foech praat wurde moast. Sa is der altiten wol in ferlechje te finen om it belang fan kwalitatyf persoanen te ûntkennen. Soe dat ek foar it Hollânsk jilde?

In folgjende en mear demokratyske stap soe it politike beslút wêze om yn it Fryske taalgebiet it Frysk as funksje-eask foar learkrêften op te nimmen. By in ferplichting heart in funksje-eask sa't dy foar 'Nederlânsk' en oare fakken ek de gewoanste saak fan 'e wrâld is. De bern hawwe rjocht op in learkrêft dy't it Frysk behearsket. It 'fromme' praat fan de oerheid yn beliedsstikken dat it ûnderwiis yn it Frysk sa wichtich is, beart dan ek as skuorde klokken as nei de praktyk sjoen wurdt.

Foar de nedige neiskoalling fan learkrêften sûnder foech is de **fakultative** kursus *Klasse Frysk* beskikber. Al hoe goed oft de kursus ek wêze kin, mei sok belied hâldt men de frijbljuwende situaasje oerein. Learkrêften dy't om hokfoar reden dan ek net 'bevoegd en bekwaam' binne, soenen in **tydlike** beneaming krije kinne en ferplichte wurde moatte om it foech te heljen.

#### *Earste- en twaddegraads oplieding*

As it Frysk yn it ûnderwiis in ekonomyske faktor is en wurdt, sil dat ek goed wêze foar de posysje fan de 1ste-

<sup>5</sup> Sjoch ek: <http://ffu-frl.eu/PDF/080901.defbrFFUeo.mbu.PSenDS.pdf> (1 sept. 2008); <http://www.ffu-frl.eu/PDF/101126.FFUbriefoanDSenPS.Fryskynmbu.pdf> (26 nov. 2010); <http://ffu-frl.eu/PDF/DS-FFUferpl.frysk.yn.mbu.pdf> (17 juny 2011).



en 2de-graads learare-oplieding. Datselde jildt foar RUG en Campus Fryslân mei bachelor- en masteropliedingen op it mêd fan it Frysk en meartaligens. It fierwei effektyfste belied foar it Frysk is om de taal ta in ekonomyske faktor te meitsjen. Sok 'natuerlik' belied is ek demokratysker (en goedkeaper) as it wurkjen mei alderhanne stimulearringsmaatregels dêr't de útkomst gauris tige ûnwis fan is.<sup>6</sup>

### 5h Spesjaal ûnderwiis

Yn de WEC (Wet op de expertisecentra) hat it Frysk in *fakultative* status. Provinsjale Steaten hawwe yn kêst 13, lid 8 wetlik de mooglikheid om nei oerlis mei it spesjaal ûnderwiis kearndoelen Frysk fêst te stellen dy't neffens ûnderwiissoarte ferskille kinne. Ien en oar hat de goedkarring fan de minister nedich, sa't dat ek formulearre is by it primêr en fuortset ûnderwiis.

It projektplan stelt as doel dat der *oandacht foar de thústaal fan it Fryske bern* wêze moat. Oer kearndoelen wurdt net skreaun. Wol dat der 'maatwurk' fereaske is. Neffens it projekt sil der yn de kommende tiid mear omtinken foar it Frysk wêze en dêrby is benammen tocht oan de skoalstipers dy't mei de skoalle in groeiplan meitsje en helpe by útfiering en evaluaasje. Foar de nedige boarging yn it skoalprogramma – in taalbeliedsplan – sil dy help ek ynroppen wurde. Yn it gefal dat der gjin Frysktalige learkrêften binne, wurdt in oplossing socht troch it ynskeakeljen fan memmetaalsprekkers en kwalifisearre taalstipers. De kursus *Klasse Frysk* stiet ek foar de learkrêften iepen en der sil gaadlik bestoand en nij les materiaal sammele wurde. Oant safier it projektplan.

Yn ferliking mei it basis- en fuortset ûnderwiis wurdt it Frysk yn it spesjaal ûnderwiis noch mear op efterstân holden troch de frijbljuwende, fakultative status. Kearndoelen Frysk foar it spesjaal ûnderwiis (primêr ûnderwiis) foarmje dus gjin ferplichte oanbod foar de skoallen, nettsjinsteande kêst 8 fan it ratifisearre Europeesk Hânfêst.<sup>7</sup> It argumint fan 'maatwurk' foar de klusters 2, 3 en 4 is fanselsprekkend, mar de learlingen wurdt sa de kâns ûntnommen om 'safier mooglik te kommen'. It is in tige negatyf diskriminearjend en antypedagogysk argumint om krekt dy bern, dy't al kwetsber binne en ferlet hawwe fan feiligens, gjin 'substantial part' fan it ûnderwiis yn de eigen taal te jaan (ferl. it Europeesk Hânfêst, kêst 8).<sup>8</sup> Al jierrenlang hat de FFU op wetsferoaring oanstien, mar fynt gjin gehoar.<sup>9</sup>

Ûnderwiis yn it Frysk beheine ta *oandacht foar de thústaal fan it Fryske bern* docht tinken oan it Frysk as 'opstapke' nei it Hollânsk. Frysktalige bern soenen by-

gelyks apart fan de oaren ûnderwiis yn harren eigen taal krije kinne, wylst de earste rykstaal de fiertaal foar de hiele groep is. It beswier fan sa'n oanpak is dat de net-Frysktalige learlingen sa gjin respekt en ferantwurdlikens foar (de taal fan) harren Frysktalige klasgenoaten krije. Frysktalige bern sille har taal dan ek net yn de les brûke meie en sa fan harren taal ferfrjemdzje.

Boppedat is it ek in praktysk probleem: hoe en op hokfoar momint moat yn groepsferbân dy *oandacht foar de thústaal* stal krije? Of wurdt mei 'oandacht' bedoeld dat de groepslearkrêft mei it Frysktalige bern yn de ien-op-ienrelaasje somtiden (of altiten?) de thústaal brûkt? Op himsels is it goed om harren in gefoel fan feiligens en akseptasje te jaan troch harren yn de eigen taal oan te sprekken, mar it is ûnfoldwaande foar it ûntwikkeljen fan de (memme)taal. Ôfhinklik fan de mooglikheden fan de bern is meartalich ûnderwiis yn it spesjaal ûnderwiis net útsletten. In opfetting dat sokke bern net belêstige wurde kinne mei *ook nog dát Fries* is earder taalideologysk as pedagogysk fan aard.

Troch yn it projektplan fêst te hâlden oan de fakultative status fan it Frysk yn it spesjaal ûnderwiis wurdt foarby-

<sup>6</sup> Sjoch ek: [FFU-brief oan OCW oer oplieding Fryske Taal en Kultuer, 120605.pdf](#) (5 juny 2012); [FFU-brief oan de RuG oer oplieding Fryske Taal en Kultuer, 120605.pdf](#) (12 juny 2012).

<sup>7</sup> Staatsblad 2009 248: *Besluit van 18 mei 2009, houdende de vaststelling van kerndoelen voor het speciaal onderwijs* (Besluit kerndoelen WEC).

<sup>8</sup> Sjoch bgl. ek: *Op 'e skealjes. Ferlach en ynterpretaasje fan in enkête [út 1988] oer it Frysk yn it (fuortset) spesjaal ûnderwiis* (Ljouwert: GCO/MSU, 1990); *Ferlach augustus 1988-augustus 1990/Wurkplan augustus 1990-desimber 1991 fan de wurkgroep 'Frysk yn it (Fuortset) Spesjaal Underwiis yn Fryslân'. Projekt 'Frysk yn it (Fuortset) Spesjaal Underwiis yn Fryslân'* (M.S.U., Ljouwert, s.j.); *Programma stúdzjedei 9 oktober 1991 fan it projekt Frysk yn it (Fuortset) Spesjaal Underwiis yn Fryslân* (konferinsje 9 okt. 1991 te Ljouwert, MSU); *Ferlach fan de begelieding fan it Frysk yn it (Fuortset) Spesjaal Underwiis yn Fryslân, 1988-1992 [Einrapportazje]* (Gemeenschapelijk Centrum voor Onderwijsbegeleiding in Friesland/Mienskiplik Sintrum foar Underwiisbegelieding yn Fryslân, s.j.); *Haadlinen foar it Taalûnderwiis yn it (Fuortset) Spesjaal Underwiis* (Wolwêzensied Fryslân, seksje ûnderwiis en edukaasje, Ljouwert, 1992); D. Timmers-Huigens en L.H. Damen, *Het leren van zeer moeilijk lerenden. Leerstijlen. Speciaal Onderwijs, Leerstrategieën zml* (SLO, Enschede, mei 2004).

<sup>9</sup> Sjoch ek: <http://www.ffu-frl.eu/PDF/080915.brFFUoan.BZ.IOCW.TwKoer3de.syklHanf.pdf> (15 sept. 2008); <http://www.ffu-frl.eu/PDF/OCW-Tapassen.Hanfest.181208.pdf> (18 des. 2008); [FFU-Europeesk Hânfêst, s\[f\]û en bmû oan TK, 240809.pdf](#) (24 aug. 2009); <http://www.ffu-frl.eu/PDF/091016.Stjoergr.Hoekstra.harksitt.ynl.Tom.SpesjUndetc.pdf> (16-10-2009).

gien oan de betingsten foar in lykwaardige posysje. Foar dy bern jildt neist de pedagogyske eask fan útgean fan de memmetaal likegoed ek de eask fan tarieding fan alle bern op in meartalige maatskippij yn it *offisjeel* twatalige Fryslân.

## 6 Krityske gearfetting

De wichtichste ymplementaasjemaatregel út it projektplan is it jaan fan (mear) **tiid** oan de skoallen. Fansels is der altyd tiid nedich om feroarings realisearje te kinnen. Tink bygelyks oan de omslach fan it brûken fan fossile brânstoffen nei de tapassing fan sinne- en wynenerzjy. Mar yn it gefal fan it ûnderwiis yn it Frysk is dat wol hiel kurieus: de Fryske beweging stiet der by de ferantwurdlike oerheid al mear as **hûndert jier** op oan om it Frysk in rjochtmjittich plak op de skoallen te jaan. Troch it ûntbrekken fan essinsjele ymplementaasjemaatregels hat sels de ferplichting yn 1980 (basisûnderwiis) yn de ôfrûne **fjirtich jier** net it winske effekt hân (*Rapport Taalplan Frysk*, 2018).

As der al wat dien wurdt – en lokkich is dat op in tal skoallen ek it gefal – dan is dat gauris in útsûndering en ôfhinklik fan de (tafallige) ambysje fan dy skoallen en harren personiel, mar as it dêrfan ôfhingje moat, is de kâns dat it Frysk yn 2030 fan pjutteboartersplak oant universiteit in *lykwaardich* plak krigen hat **nihil**. Dêr is de druk om de doelen foar it Hollânsk te realisearjen fierste grut foar. Dat freget om de (politike) wil om út de efterstelde posysje wei te kommen en it frijbliuwend belied te ferruiljen foar emansipearjend belied. Salang't it Frysk net ien fan de kwaliteitseasken yn it ûnderwiis (wetjouwing en ynspeksje) is, bliuwt de kâns op wiere emansipaasje (te) lyts.

It Ryk hâldt fêst oan syn (ein)ferantwurdlikens foar it ûnderwiis yn it Frysk en hat op grûn fan it rapport-Hoekstra (2010) it foech foar ûnderwiis yn it Frysk dochs **net** nei de provinsje Fryslân oerdroegen. Hoewol't de kabinetsreaksje *Frysk* (2011) iepenet mei *'It moat better! It kin better!'*, is it foech eins yn hannen fan de skoalbestjoeren lein mei de ynfiering fan it fereaske **draachflak**. In unike en antydemokratyske **konstruksje**. Net in pedagogysk-didaktyske oanpak en it sosjaal-kulturele belang fan ûnderwiis yn it Frysk stiet foarop, mar de opfettings fan de útfierende organisaasje oer dy ferplichting. Dat is ek de reden dat it Frysk as funksje-eask net regele is en dat de ynspeksje gjin tafersjoch op de resultaten fan it ûnderwiis yn it Frysk útoefenje hoecht.

Guon skoallen dogge harren bêst, mar fierwei de measten binne fan betinken dat ûnderwiis yn it Frysk foar de persoanlike en maatskiplike posysje fan de learlingen gjin **goed ding** is. Sa is de sirkel wer rûn: ûnfoldwaande behearsking fan de taal makket dat it brûken fan it Frysk (benammen skriftlik) frustrearre wurdt. In oplossing mei it leverjen fan dûbeldtalige stikken is op termyn de deastek foar de taal.

Mei de *draachflakkonstruksje* kin de ferantwurdlike lanlike oerheid 'de hannen yn ûnskuld waskje'. Soks yn tsjinstelling ta it Hollânsk. Yn de koroanatiid warskôge de Onderwijsraad foar 'kansenongelijkheid', wylst op guon Fryske skoallen it Frysk salang mar 'fergetten' waard. Op 4 april 2022 hat minister Wiersma de Twadde Keamer in brief stjoerd oer de fuortgong fan it 'curriculum funderend onderwijs'. Soks nei oanlieding fan de needgjalp fan de ynspeksje dat it mei de basisfear-dichheden 'taal/rekenen/wiskunde, burgerschap' de ferkearde kant út giet. Mei 'taal' tinkt ek dizze minister net oan de twadde rykstaal, mar oan de lanlike resultaten foar Nederlânsk. Dêrmei wurdt ek de druk op de Fryske skoallen opfierd om twa- of meartalich ûnderwiis nei te stribjen, mar sûnder in *lykwaardich* plak foar it Frysk. It 19de-iuwske tinken fan 'ien lân, ien folk, ien taal' slacht noch altyd foar master op en ûntkent de positive mooglikheden foar twatalich ûnderwiis Frysk-Nederlânsk.

Lykas by de lanlike oerheid ûntbrekt it ek by it provinsjaal bestjoer oan **politike wil** om de kânsen foar it Frysk wier struktureel te ferbetterjen. De ûntwikkele skoalprofilen binne dêr in tryst foarbyld fan, lykas ek de ynspeksje fan betinken is. In ferantwurde pedagogysk-didaktyske oanpak wurdt al yn 't foar opkeard troch (ideologysk) ferset yn de skoallen. De FNP-fraksje yn Provinsjale Steaten komt de eare ta om op 6 april 2022 in tal fragen oan deputearre Poepjes steld te hawwen oer de *kearndoelen Frysk* en it *Taalplan Frysk 2030* nei oanlieding fan niisneamd brief fan minister Wiersma.

It projektplan eaget sympatyk en hat grif syn funksje, mar de oanpak past noch yn it tsjinakseljend en opkearend oerheidsbelied. Op syn bêst set dat belied in rem op de efterútgong fan de taalmacht fan it Frysk, mar it hâldt it karakter fan in stjerhûskonstruksje. Yn de earder relatyf sletten Fryske mienskip koe it Frysk noch iuwenlang oerlibje sûnder in struktureel plak yn it ûnderwiis. Nei de Twadde Wrâldoarloch (mei syn 'iepen mienskip') leit de taalsituaasje der lykwols folslein oars hinne



en giet it sechje net langer op dat it Frysk der (sûnder foldwaande effektyf Frysk taalûnderwiis) wol bliuwt. Nettsjinsteande de ferplichting fan it Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis yn de twadde helte fan de foarige iuw is ûnder ynfloed fan migraasje en de maatskiplike druk fan de earste rykstaal it tal fan hûs út Frysktaligen ûnder de 50% sakke. Hieltid faker prate Frysktalige bern de lêste tiid ek mei harren Frysktalige âlden Hollânsk as hja op skoalle komme. De dominânsje fan it Hollânsk as fiertaal yn de groep en it kontakt mei de net-Frysktalige bern sarget foar taalferfrjemding ta fertriet fan harren Frysktalige âlden.

Wat langer oft der wachte wurdt mei it goed neikommen fan de ûnderwiisôfspraken yn it Europeesk Hânfêst (1996) wat dreger oft it wurde sil om it Frysk as libbene taal fan ús mienskip in goede takomst te jaan. It provinsjaal Frysk taalbelied mei alderhanne subsydzjes en fergeze lespakketten, it projekt *Klassemint* ensfh., hat fierste folle it karakter fan symptoombestriding en giet folslein foarby oan de oarsaken fan it ûntbrekken fan ferantwurde meartalich ûnderwiis mei in *lykweardich* en *lykberjochtige* plak foar it Frysk.

De koartlyn ferskynde *Tuskenrapportazje BFTK 2019-2022* jout in net al te kritysk oersjoch fan hoe't it der mei it Frysk foar stiet, ek yn it ûnderwiis. Yn in paragraaf wurdt opmurken dat de provinsje behelle is by de keardoelen Frysk en dat it Ryk it foech hat oer de eintermen. No is it begryp *eintermen* yn dit ferbân al lang ferfongen troch de term *keardoelen*, omdat dy it ferplichte minimumoanbod foar de skoallen globaler omskriuwe. Wol binne *keardoelen* beskriuwings fan kwaliteiten fan learlingen op it mêd fan kennis, ynsjoch en feardichheden (*eintermen*).

It probleem is net dat it Ryk dy taak foar de *keardoelen* Frysk fan de provinsje oernimt, mar dat it Ryk bepaalt oft dy keardoelen ek in rol spylje by de beoardieling fan de resultaten – de kwaliteit – fan it ûnderwiis yn it Frysk. Yn it basisûnderwiis is dat net it gefal (*Eintoets Basisûnderwiis*). Learlingen yn it fuortset ûnderwiis kinne kieze foar in eksamen Frysk en dêrta hat it Ryk in sintraal eksamen Frysk (*Friese taal en kultuur havo-vwo*) ynsteld op basis fan de besteande *keardoelen* Frysk. De provinsje hat gjin foech krigen foar it opstellen fan toetsen. Dat foech hâldt it Ryk (noch) oan himsels en betsjut yn de praktyk in *bebeining* om ta lykweardich ûnderwiis yn it Frysk te kommen.

De Steaten fan Fryslân soenen harren realisearje moatte foar wa't hja '*stim*' wêze wolle: foar de Hollânske mearderheid of foar de Fryske befolking as gehiel. Wolle de Steaten fêsthâlde oan it steatsnasjonalistysk tinken of opkomme foar de demokratyske taalrjochten fan de Fryske mienskip en harren taal as in kulturele rykdom?

It is koart dei, want beliedsmjittich betsjut stilsteane efterûtgong. It kin noch, mar it **sûnder effektive betingsten** jaan fan mear ymplementaasje tiid oant 2030 foar it ûnderwiis yn it Frysk betsjut yn de heine takomst de ein fan it Frysk as fier- en kultuertaal.

It is heech tiid om echt 'wekker' te wurden!

Foar de *Feriening Frysk Underwiis (FFU)*,

*drs. T. Dykstra (foars.)*

*drs. S.T. Hiemstra (skr.)*

*Itens/Drachten, augustus 2022*

## Kollum fan Jaap Slager (22)\*

# *Ik bin boer (do âldboer!)*

Diskear in frije Fryske oersetting fan it Portugeeske liet *Sou Moiral* (*Moiral* is ien dy't fee yn de greiden begeliedt). Jaap hat der in frije Fryske boer fan makke dy't net fan ôfwaaid praat hâldt.<sup>1</sup>

It freget om in koarte taljochting en dy jout Jaap oer de e-post (22-03-2023):

“Bom dia, camponês traballhador’ is in ‘canta alentejana’. Nei’t earst fado ta wrâlderfgoed ferklearre waard, kaam dat neitiid ek de ‘canta alentejana’ oer, lieten *dy’t eartiids op it lân songen waarden om it swiere wurk wat te ferlichtsjen*, dikmels mei in foarsjonger – in foech foarrinder fan ’e blues dus. Ik moat ek sizze dat de Portegeeske tekst winliks folle moaier is

as de wat snijsume tekst dy’t ik dêr yn it Frysk fan makke haw. De oarspronklike tekst seit: *‘A goeie, hurde wurker op it lân, no haw ik teminsten ien foar my oer dy’t net liicht (poer en echt is). Want it poere en echte fan jimme sit him yn jim wurk – yn it doel en de sin dêrfan en yn de leafde derfoar! ... En dan anderet de lânarbeider: och, ik bin mar in ienfâldige harder, ju. En dat falt beslist net altyd ta, bear [in harder bliuwt 24/7 by syn keppel skiep, moatst witte] as it reint [it reint hjirre komselden], kâld is [se witte hjir net wat kjeld is] en waaït dat it rikket [sa’n soele wyn, witst wol?]. Mar ik bin taai wurden, ju, troch dy striid tsjin de eleminten, ik bin wol wat wend, dat ... dizze jonge leit net fan ien slach.’*

No ja, ik oerdriuw it no wat – fan dat soele waar, bedoel ik. It Hollânske sechje is ‘Maart roert zijn staart!’ en Portegezen sizze ‘Março, Marceirão; manhãs de inverno, tardes de verão!’ (moarnsier is it winter en oerdeis simmer). Justermoarn warskôgen se op it nijs dat de maksimumtemperatuer flink omleech soe. Mar ik moast justermiddei doe’t wy út Beja weromrieden nei hûs ta, frekte hurd ride om it klokje ûnder de tritich graden te hâlden. Mar it is wier, de minimumtemperatueren kinne moarnsier samar ûnder de tsien graden sakje. Ja, en dat fine wy yn ’e Alentejo roetkâld.”

\*Jaap Slager (Ljouwert, 1958) wennet yn Portugal en docht oersetwurk yn ûnderskate talen. Hy hat in grutte kennis fan it Fryske taaleigen, behearsket it Hollânsk, Ingelsk, Portugeesk, Frânsk en Dútsk ek boppebêst en is aardich thús yn Gryksk en Latyn. Boppesteande oersetting is makke op 4 maart 2023.



Frije Fryske boeren hâlde perfoarst net fan stedske âldhoeren ...

<sup>1</sup> Klik ris op it liet yn it Portugeesk: <https://www.youtube.com/watch?v=2cGW8kM42xM> of: [https://www.youtube.com/watch?v=sk\\_Q-MdWKW4](https://www.youtube.com/watch?v=sk_Q-MdWKW4)



---

**Frije Fryske oersetting  
fan Jaap Slager:**

**Portugeesk:**

***Ik bin boer (do âldhoer!)***

*[stedsjer:]*

*A goeie, frije boer yn 't Fryske lân  
It Fryske lân dat as in telle sa sljucht is  
Dêrom fiel ik mei jo opslach ek al in bân  
Jo ha in siel dy't fan natuere kearsrjucht is*

*Jo ha in siel dy't fan natuere kearsrjucht is  
Bern' en tein yn in lânsdouwe  
dêr't noch tucht is  
Dêr't elkum yn 'e mik is dy't dat wol*

*[boer:]*

*Man, ik bin boer, do âldhoer, eigen boer!  
Kom my net oan mei reek en leagen  
Moaipraterij,  
dy wurket hjirsa foar gjin stoer  
Ha 'k net oan tiid - farwol, de segen!*

*Ha 'k net oan tiid, dus farwol en de segen!  
Ôfwaaid praat kin ik perfoarst net oer  
It earlik brea is foar de dregen, ha wy leard  
Dus bin ik boer, eigen boer!*

*Bom dia, camponês trabalhador  
Bom dia, alguém do povo que não mente  
Não há nada no mundo com mais valor  
Que a verdade do trabalho dessa gente*

*Que a verdade do trabalho dessa gente  
É a razão é o sentir é o amor  
Bom dia alguém do povo que não mente  
Bom dia camponês trabalhador.*

*Sou moiral, sou moiral, sou moiral  
Criado ao rigor do tempo*

*Ninguém sabe quanto vale ser moiral  
À chuva, ao frio e ao vento.*

*À chuva, ao frio, ao vento,  
Guardar gado é sempre igual  
Criado ao rigor do tempo  
Sou moiral, sou moiral*





(1)



(2)



(3)



(4)



(5)

**Byskriften:**  
1 en 2: De kiste wurdt opdroegen troch de Jongfryske Mienskip (foto: S.T. Hiemstra, sj. s. 21).  
3 en 4: In amerij fan stiltme by it grêf en dominy Ulbe Tjallingii sprekt by it rêstplak foar Bertus (foto: S.T. Hiemstra, sj. s. 22).  
5: Leden fan de JFM drinke nei de begraffenis jitte ien op Bertus en op de iennichste echte plaknamme: Ingelum (foto: JFM, sj. s. 22).  
6 en 7: It heart fansels ientalich LJOUWERT te wêzen en by útritten hearre de buorden tenei ek 'gewoan' yn it Frysk en moat it 'út' wêze mei al dat Hollânsk (foto: JFM, sj. s. 22).



(6)



(7)